

Pier Aukema

*Kâldum yn myn bêrnejierren -
'n foech fiftych jier letter as fen Sipke Feenstra*

bewurke troch Jelle de Jong en Jan de Vries

Snits 1977

Koudum 2018

De ferhalen fan Pier Aukema

Ynlieding

Pier Aukema (1920-1997) hat yn 1977, yn de 'Balkster courant', tsien stikken skreaun oer syn belevissen yn it doarp oant ungefear 1935, ûnder de titel: 'Kâldum yn myn bernejierren - 'n foech fiftych jier letter as fen Sipke Feenstra'. Dy ûndertitel stie alinne boppe de earste ôflevering, publisearre yn de krante fan 1 juny. Sipke Feenstra (1872-1963) skreau in searje stikken, ek yn 'de Balkster' en ûnder hast deselde titel: 'Koudum yn myn bernejierren'. Yn 1969 bin ûnder dizze titel dy ferhalen yn boekfoarm útjûn. Sipke wie Pier syn foarbyld, sy wennen ek noch beide yn Snits.

Pake Pier Aukema wie turfskipper, beurtskipper en fouraazjekeapman. Heit en mem, Jabik (Jacob) Aukema en Magdalena Fopma, hienen in krúdenierswinkel (letter SPAR) mei foeraazjehannel boppe oan de Buorren del, Hoofdstraat 39. Frou Aukema wie in selsbewuste frou - yn de winkel hie hja altyd in wite skelk oan - en o sa súnich. Neist Pier wie der in suster Rika en in broer Nanne. Hij hat yn Koudum de ULO dien en letter HBS en doe ekonomy studearre yn Rotterdam. In ievige studint wurdt wol sein. Yn it lêst fan syn wurksame libben wie er direkteur fan de Kingma's bank yn Snits. Hij wie troud mei Cornelia (Corry) Tebbes Sluis (1923-1967) dochter van notaris Sluis fan Koudum. Hja hiene twa bêrn Nienke Magdalena en Jacob Tebbe.

De stikjes hat er skreaun doe't er noch yn Snits wenne. Letter, nei syn pensionering, is Aukema werom kommen yn Koudum, alinnich, syn frou wie doe al ferstoarn. Hy wenne oan de Dammenseweg op de hoeke mei de Galamalaan, op nr. 33. Syn lêste jieren hat er yn de Finke sliten. Der wenne er yn de keamer neist Hinne Hoogeveen-de Boer, âld-kasteleinske fan Spoorzicht. Oan de Dammensewei wie Hinne ek al omtrint syn buorfrou. Der wie er geregeld oer de flier foar in praatsje en in buorrel. Aukema rûn altyd mei in stok, net omdat it nedich wie, mar foar de sjo. Dat die er al doe't er in jier as trytich wie.



It earste fan Oeverzwaluwen omstr. 1950, mei Pier Aukema yn pak en mei stok. Steand f.l.n.r.: Hendrik van der Molen, Piet Venema, Jelle Munniksmā, Siemen Gras en Pier Aukema; middelste rige: Rinke van der Veen, Rinze Pietersma, Gert Hoekema en Douwe van der Wal; foaroan: Siemen Munniksmā, Ids Pries en Jelte Harkema.

In âld Kâldumer dy't yn murch en bonken fan it doarpslibben genoaten hat, sa beslút Aukema syn ferhalen. De stikjes bin skreaun yn it Frysk, min as mear fonetysk, op in wize sa't de skriuwer him dat sels oanleart hat. Bernefrysk, is syn eigen kwalifikaasje. Graach hie er dat oars dwaan wollen, mar op skoalle wie gjin plak foar Frysk. In gemis, sa skriuwt er, want it gefoel en it eigene dat hy yn de stikjes oerbringe wol hie er nea yn it Hollansk utdrukke kinnen. Guon wurden hat er sels betocht, sa as sims, dat soms betsjut. Mooglik dat men dat doe sa brûkte. Ik haw it nooit heard, mar bin in stik jonger.


Toch brûkt Aukema ek wer net hielendal de sprektaal fan syn jeugd want yn sté fan Koudum brûkt hy konsekwint it Âldfryske Kâldum, sa't se dat alinne yn Hylpen sizze. Sa hat er it ek oer bgl. Haadstrjitte, Buorren en Sneinsskoalle wylst dat yn Koudum normaliter utsprutsen waard as Hoofstraat, Burren en Sondagskolle. Men brûkte de Hollanske foarm. Ek guon oare geef-Fryske wurden, sa as tinzen en lofts, komme dêrom wat formeel oer yn Aukema syn 'bêrnefrysk'. Hy wie 57 jier en al wer in hiel skoft út Koudum wei fansels.

Út de sinsbou en it gebrûk fan lêstekens en bgl. haadletters, mei blike dat Aukema sels net folle skreaun hat. Hoe't dat te kombinearjen is mei syn studzje en wurk as bankdirekteur is min te begripen; mooglik hie er immen foar alle skriuwurk. Konsekwent brûkt er it perspektyf fan de earste persoan: de baas sels. Op skoalle hat er grif leard dat je leaver net alle sinnen mei ik begjinne. Mei dit soarte fan omballingen hie hy, as skriuwer yn elts gefal, net folle op. Syn simpele oplossing is dat er ynstee begjint mei 'k - *'k Haw faak mei polysje Van Dijk efter de griene doar west.* It past by Pier en it karakter fan syn ferhalen.



Pier Aukema (r.) en û.o. Grietsje de Jong, op fystite yn it hok by Loes en Pietie, oan de Dammensewei.

It binne de ferhalen sa't 'midlife' Pier Aukema him dy heugde as heuge woe, ferteld as siet er yn de leugenbank as op 'e praatstoel by in jierdei. Se rinne oan ien tried wei troch, dochs is it gjin ratjetoe - der sit lân yn. It gehiel jout in byld - dat fan Pier Aukema - fan guon aspekten fan it doarpslibben fan anno 2018 sawat in ieu lyn. De foto's binne der faak noch wol, sjoch mar yn it *Album van Koudum*, mar de measte ferhalen hawwe dizze tiid net helle. Wat in gelok dat Pier dy fan him opskreaun hat en dat se ferskynt binne yn 'de Balkster', de doarpskrante fan doesdestiids.



It lêste stik fan it tsiende en lêste part fan de rige sa as printe yn de Balkster courant, mei opskrift fan Pier Aukema sels.

Jelle de Jong hat de tekst digitaal makke en de stavering modernisearre: wat ynstee fan *hwat*, no foar *nou*, hynder foar *hynsder*, do foar *dou*, en gean sa mar troch. Guon flaters bin ferbettere mar wurden út it Koudumer spraakgebrûk bin safolle mooglik sparre. Ek hat Jelle ferkeard skreaune as ynkomplete nammen ferbettere c.q. oanfuld. Dit soarte oanpassingen bin meast tusken rjochte heakken setten as op oare wize oanjûn. As lêste bewurker hat underskreaune, fanwegen de lêsbereens, mei punten, komma's en skrapkes oan de gong west, tuskenkopkes makke, de tekst opmakke en ôfbyldingen útsocht.

Koudum, oktober 2018

Jan de Vries

*Kâldum yn myn bêrnejierren -
'n foech fiftych jier letter as fen Sipke Feenstra*
part 1

De Buorren

Ja, wat seach it doarp der yn myn bêrnejierren alhiel oars út as no. It byld dat ik yn myn tinzen fan Kâldum bewarre ha, dat is it doarp mei it âlde gemeentehús midden yn 'e Haadstrjitte - de Buorren sa't wij seinen. De bemanning wie boargemaster Jan Krol, siktaris [Pieter] de Jager, Gatze Drayer [Draaier], Jopie van Dijk, Lolke Dokkum en de polysje / konsjerzje Politiek.

'k Haw faak mei polysje Van Dijk efter de griene doar west. Och, wat wie 'k dan benaud, foaral as de boargemaster der dan sims sels oan te pas kaam. Dy boargemaster wie oars de slimste ek wer net, 'k bedoel hij wie wol guodlik. Hij wie sims slim mynhear, hij bleau ek altyd wer folksman. 'k Haw him ien kear in sprong meitsjen sjoen doe er bang fan lytse Klaas wurde. Klaas wie in jonkje út 'e buert fan it gemeentehús en sadwaande koe hij al dy minsken wol sa goed as dy him ek koene. De boargemaster kaam him op in kear tsjin en sei: *Ha Klaas, bist do der ek wer? Och hâld dyn bek ju*, sei Klaas, en: *ik sil dy d'ris oanmiege* en de died by't wurd foegjend flodske Klaas syn kant út. Ja, soks koe eartyds op in doarp, no net meer tocht ik.

Neist it gemeentehús lofts de winkel fan Foppe de Jong, - tsjinwurdich 'La Moustache' leau'k - en oan de oare syde in rinteniershús, dat no bewenne wurdt troch [Hinne] Wiersma, in soan fan eartiids Tseard Wiersma út de Hea[n]mar. Dêr neist de sintrale bakkerij (Hindrik van der Molen) mei Jouke van der Veer as baas (Jouke Marie). Dan de dames Kok, nee earst noch Stoker syn garaazje, wat wij as bêrn altyd in wat spoekeftich gebou fûnen, faaks om't it wat efterôf stie en om't it meastentiids ticht siet. Dan baas Mensonides, mei letter Eeuwke en Lieuwke as bakkers (no Gert Klijnstra). Dêr

neist de siktaris Piter de Jager en dan Piers, de ryksûntfanger. Ja, dy hienen we froeger ek yn Kâldum.

De buorren hâlde oan dy kant eins op, mar neffens ús gefoel gyng er troch oan de winkel fan Sape [van der Werf], hoewol dat eins it begjin wie fan 'e Kninebuorren, Verlengde Hoofdstraat. 'k Leau dat syn foarnamme Sybren wie, mar deagewoan om't men it net rjocht wist mei dy S., - hij wie leau ik net in ynlâner, ik bedoel net yn it plak bêrne - hat men der mar Sape van makke, krekt lyk as mei de J. fan master Potjewijd - hjitte Jan- wêr't men Jot fan makke hie.



De Hoeke, it krúspunt Hoofdstraat – Hoogstraat, mei rjochts it pand fan 'Sape' dy't eins Sybren van der Werf hjitte en links de winkel van Van der Sluis.

Strategysk wie de sitewaasje dêr sa, dat it automatysk ta in moetingpunt útgroeid wie. Mear as bijgelyks de oare kant: de trochreed fan Van der Meer syn herberge. Foaral sneons en sneintemoarns ferskynde dêr altyd in grut part selskip swiete minsken en dan wurde it dêr ornaris moai opsein en as dan de muorre fan Sape syn hús dan ek noch ûnder elektr. stroom stie, no dan wie't hielendal nocht en wille.

Smoute ferhalen sûnder ein en oeral oer: de fiskklub, it hurdsilen op 'e Morra, oer

Willem Slob (Smits), oer Mintsje Pot út Himmelom, de jacht, it aaisykjen, de skearwinkels, de wâl (haven), oer Sipke Ypes mei syn grutte rún, de sândobben, Jot en Fekkes en eartijds Van Laer, de Lahanito -och wat wie dat in feest- oer it feest yn Himmelom, nei ôfrin wêrfan inkele jongfeinten foar dat se de auto wer nei Kemker werombrochten noch efkes de Easte om ride woenen en doe de bocht net krije koenen en doe dwers troch de muorre bij Geart en Hitsje yn 'e keamer belânen, oer de Roekelease yn 'e Klimmer [Ooste 14] wêr't sims grute feesten hâlden waarden, it fuotbaljen, it hurdriden, Doede Noppert út Hielpen, Sytse Kuperus út Starum, oer de jiskekarre bemanning, oer Age Cola, en sa mar fuorthinne, folle net genôch. Wy as jonges mar om dy grutte manlju hinne strúne, en luster mei sân pear earen no. Ja, 't wie altyd och sa smûk dêr by Sape op 'e hoeke.

Fan 'e herberge op 'e hoeke nei ûnderen ta, earst it kampke lân fan Jabik Kramer (de feekeapman) dan de dames Carpentier, notaris dochters, ik leau net dat ik dy dames ea sels sjoen ha. It hiele grutte hús mei dy grutte tún en it grutte âlde hok der efteryn, makke ús altyd in bytsje eangstich. Ik wit allinne noch fan 't boelguod dat dêr doedestiids hâlden is, mar as dat no wie om't de dames ferstoarn wienen, as dat se earne oars hinne rekke binne, der ha ik eins gjin witten mear fan. Yn dit ferbân moat ik ynienen tinke oan de opropper bij soksoarte ferkeapings, dat wie Gerrit van der Heide. Och, wat koe die man dat altyd moai dwaan, wat wie de man op it wurd beret de minsken wienen altiid dûbelgear fan it laitsjen. Folle letter krige van der Heide in weardich opfolger oan Jan Stellingwerff, Jan fan Lútzen yn 'e wannel, dy koe it ek och sa moai.

Fierder del nei ûnderen kaam dan de kâlde bakkerij -hienen wij doe dus ek al- fan Sjouke Feik. Sjouke [Van der Veer] hat grif oandielhâlder west yn 'e sintrale dêr tsjinoer. De befoarieding kaam ek dêrwei leau ik. As ik sa tink oer de sintrale komt mij in moai ferhaal yn 't sin wêryn Beitske Feenstra it middelpunt wie. Foar de wierheid kin ik net ynstean, mar it ferhaal is yn elts gefal moai.

Beitske

No dan, Beitske ús sneinsskoallejuffer; se dreau yn it doarp tsjinoer it tsjerkhôf in 'Winkel

fan sinkel', mei as spesjaliteit petroaljelampen en losse katoenen kousen (lonten), teepotten, kofjetsjettels en fierder allegear pitertuerlike [wonderlijke] saken. En Beitske sels wie ek apart. Se hie blykber kunde oan Jouke Marie (fan 'e sintrale) dy't nei Den Haag ferhúze wienen. Sij woe se dêr ris opsykje op har âlde dei en sa teach se nei Hollân en nei wat wederwaardichheden belâne hja yn 'e residinsje en ek noch yn 'e goede strjitte. Mar spitich genôch wie se't nûmer fan it hús fergetten, mar Beitske joech gjin belies. Mei de regelmaat fan in reeks, sis mar om 'e tweintich meter, begûn se to roppen: *Marie, Mariee, Marieeeee*, en sa de strjitte mar del no. Mar se kaam te plak.

It gefal wie nammentlik dat in nicht fan Marie - dy't dêr útfanhús wie of sa - krekt in kleedsje útkloppe op it balkon en sa krige se Beitske yn 't each. *Frjemd spul*, hat hja fêst tocht en sa rôp hja nei binnen: *O, tante kom eens gauw kijken er loopt zo'n vreemd mens in de straat, ze draagt een hele grote zwarte hoed* (har sneinske hoed) *en ze roept almaar Marie*. Tante Marie kaam ek op it balkon, seach it spul ris oan en sloech de hannen yninoar en sei: *och hearken dat is Beitske*. Mar Beitske wie wêr't se wêze woe. In moai ferhaal net? Mar foar de autentisiteit (dat wurd bestie yn myn tiid noch net) kin ik net ynstean.

Ja, Beitske die sneins de sneinsskoalle. Se hat dat jierren oan ien dien, tegearre earst mei Van der Goot (arsjitekt) en letter mei Willem Muizelaar, Willem de Boer, Sybren Venema en sa mear. Allegear idealisten, lieder ek fan de knapeferiening; bestean sokke ferienigings noch wol hjoed-de-dei? Och, tink ik no wol fakentiids wat ha sokke minsken docht har bêst dien om ús eat út it Grutte Boek by te bringen, mar wat wie de grûn hurd wêr't se op ploeie moasten. Wat ha wij dy minsken pleage. Ik tink wolris wij wiene trochfuorre. Mar lit ik hjir mar oer ophâlde want wat dêrfan hingjen bleaun is witte je sims sels net ienris. Wêrby somtiden bij dingen en foarfallen yn it libben dat it sa ynienen wer boppe komt. Jins geastlike opslach is fakentiids folle grutter as jo sels miene.

Fuotbalje

Sybren Venema, in man mei in soargelik libben efter de rêch, tocht ik, bliidmoedich fan

natuer, sterk as in dyk. Hij sil no sa tusken de 85 en 90 jier âld wêze. Hij hat grut boer west, moolner op 'e mûne op Wêste, foeraazjekeapman; fjouwer sekjes moal op 'e fyts (200 kilo), de hiele gemeente troch, en faak ek noch wol nei oanlizzende gemeenten as Gaasterlân, Starum, Hylpen en Warkum. Jo moatte je ris yntinke hoefolle PK's soks frege hat. Wa kin soks hjoed-de-dei noch? Gjinien tocht ik. Ja, wat in warber man, 'k hoopje dat der noch hiel lang sûn bliuwe mei.

Mar wat ha wij as jonges faak lilk op dy goede en wurksume man west. Sa't ik skreau wie der guodlik oan 'e iene kant. Wy mochten bijgelyks syn kamp brûke as fuotbalfjild, sa nei ûnderen njonken de reed nei Age Dijkstra. Izeren goalpeallen hiene we. Luut fan Siebe Smid hie se smeid. Luut wie sels ek in bêste fuotballer. En oan de oare kant koe Venema sa ôfgryslík âlderwetsk strang tsjin syn jonges wêze; krekt as wy in, yn ús eagen, wichtige match hienen dan moasten dy jonges sims melke, beantsjesykje, hiem oprêde of soks sawat. En dat koe nea útstel lije en dan sieten we wer mei de hannen yn 't hier, want dy jonges fan Venema koenen krekt allegear sa goed fuotbalje. Durk, Klaas (al jong stoarn) en letter Gerlof, it wienen allegear Cruyfies yn 'e dop. Och Venema, wat bin wij wol lilk op jo west.

Van systeem hienen we noch gjin wit. Mar goed hurd fleane efter dy bal oan, koppen as slaaien, súver gek, om hjir de miening van myn eigen heit efkes troch te jaan: *jim moasten mar d'ris moatte, dan soe it wol oars mei jimme warberens lykje*, wie syn praat altyd.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 2

De Wals

Behalven as sneinsskoalle-master ha ik ek Willen de Boer - Willem fan Thyse Trien, sa't dat eartiid yn Kâldum hjitte - noch foar my as in respektabel man, want hij wie de baas fan de tarmasine en de wals. Minsken, minsken, wat in grut apparaat dy wals. Sterker as

hûndert oaljefanten haw ik faak tocht. Sokke grutte masinen koene se net bouwe, dy ha der altyd west, tocht ik dan. Wat in grut ding en dêr boppe op troande dan Willem de Boer. Hij stjoerde dat bakbeest en wij seagen ús de eagen út 'e holle. De tarmasine wie trouwens net minder nijsgjirrich; it wie eins in grutte tarpot op tsjillen wêr't se fjoer ûnder stoke koenen. No, dat wie al hielendal moai fansels -wat is der per slot moaier as brantsje stoke? Wij wachten altyd krekt salang as de mannen nei hús gienen te iten en yn dy ûnbewekke eagenblikken wij der mei omgrieme, krekt salang oant de klompen en de klean poerswart fan'e tar wienen.



Willem de Boer op syn 'bakbeest' fan in wals.

Thús

Jûns thús (dêr wienen wij as it heal koe allinne jûns en nachts mar) wurde ús it leksum oplêzen. No, dan wie der net ien op it hiele doarp dy't sa ûndogens wie as ik, neffens ús mem. En der wie net ien mem dy't sa'n soad ûnnedich wurk fan har soan hie as sij fan mij, en it wie net iens sa. Mei myn broer wie't lang sa faak net te rêden as mei mij. It wie

trouwens ek wol faak wat bryk mei mij en ik hie it altyd dien -dat krije je dan op it lêst no. Thús, op strjitte (wêr't ik 't leafst en it meast wie), op skoalle, earst bij master Van Dijk en letter bij master Potjewijd, it makke neat út wêr't ik wie, want ik hie it altyd dien en sadwaande ha ik in grutte klant west fan polysjes Deinum en Van Dijk. Ik ha der nachts wol fan dreamt.



De Hoofdstraat sjoent fan boppen nei de Symkewyk ta, mei links de winkel fan Aukema, no nûmer 39.

De kearen dat ús heit lik op mij west hat binne net te tellen, mar ien kear wie er woest op myn broer, ik sil it nea wer ferjitte. Ja sjoch dat siet sa: Hij wie op 'e Mulo wêr't heal Kâldum yn die tiid hinne gie (och wat ha ik moaie oantinkens oan die tiid). Yn ús tiid hie master hast gjin tiid om mei gebed te iepenjen, want der barde altyd wol wat, mar yn myn broer syn tiid wie der sa't it skynt mear tiid foar. As master dan moarnsier wat lang yn gebed wie, no dan fûnen de bêrn dat wol noflik. Dat wie allegear master syn tiid no? De tiid fan oerhearen nammerste koarter. Mar wol slim wie it as it tsjin tolven wie, want dat wie de tiid fan de bêrn no? En dan fielden je de mage meastentiids ek al in bytsje.

Myn broer hat op in kear bepaald ôfgryslík hunger hân en doe't master in bytsje lang wurk hie flústere dy jonge hieltyd: *Amen, Amen*, krekt sa lang dat it him ûntkaam en master en de bêrn it hearre koenen. Gjiniën fan de bêrn wachte in tsjinoarder ôf en sa knypten se ta grutte alteraasje fan master allegear út.

De dieder wie al ridlik gau bekend sa kaam master beselskippe troch master Potjewijd (Jot dus) want die wie gek op sokke akkefysjes, bij ús thús. Wij soenen krekt ite, mar dat pakte oars út, de masters kamen moai neistelkoar yn 'e keamer op stuollen. Potjewijd die it wurd en dy helle breed út oar de bedreaune misslach, ik ferknypte my want it wie no net ris om mij te dwaan. Ik wat spytgnyskje, ús heit myn kant al ris útsjen en sûnder dat ik der erch yn hie sei'k: *Amen, sei de koster en sa mear*. ús heit sprong fan de stoel en mei in gesicht as in tongerwolk en mei de finger nei de doar wizend raasde er: *en do der út*. Ik wie gau fuort mar it gie mij wol oan't hert want ik wie wol nijsgjirrich hoe it gefal fierder útpakke soe, mar ús heit seach sa dat it mij better like om ôf te drossen. ûnder goedkarrend each fan master Potjewijd moast ik ôfmeunsterje, mar efter de doar hearde ik heit noch krekt tsjin myn broer sizzen: *Sille wij mei dij no krekt sa'n gedonder krije as we altyd ha mei dy grutte jonge?* En dat wie ikke. Hoe't de saak ôfrûn is wit ik eins net mear. Wol wit ik dat ik dy middeis gjin iten hawn ha en myn broer wol, wylst hij it dien hie en ik niks. Ja, ja, it wie sims wol wat, it libben wie doe al swier.

De MULO

Wat hat it oars in moaie tiid west, dy tiid fan 'e MULO, och wat ha wij dêr wat belibbe, oan spannings gjin gebrek want húswurk meitsjen wie der meastal net bij no. Ik tink wol faak wat hienen dy masters ek wat mei ús, der wie gjin ear oan ús te beheljen, alle sa goed bedoelde wurden wienen 'paarlen voor de zwijnen'. Op in kear hienen we Nederlânsk wit ik noch, gedichten, no der moatte Jo krekt foar bij de doarpsjeugd wêze. Wat ynteressearre ús no de gedichten, wij knikkeren en fuotballen leaver. Master wie mei folle earnst en passie oan it foarlêzen, it gie oer de rots, it wie soks sa wat: 'Het hoofd in de wolken, de voet yn de kolken, staat naakt en eenzaam de rots'. En der ynienen út 'e

klasse in skreau: *prots*. De sfear wie fuortendaliks ferbrutsen. 't Begjin fan in rjochtsitting wie dêr en dat die wie altyd och sa'n feest. *Wie heeft dat gezegd, jij, jij, jij?* Mar gjinien no. It fonnis wie op it lêst: *allemaal schoolblijven*, en doe wienen de rapen hielendal gear, wêr in kertier nei de barbysjes en sa gie it gauris, 'k soe hast sizze eltse dei.



De ULO-klas fan Pier Aukema yn 1933, mei links meester Pottjewijd. Pier sit hielendal rjochts foaroan. Alle nammen bin te finen yn it 'Album fan Koudum'.

Frânske les: *Mon père fume sa pipe*, immen út de klasse: *kiep*, Thoma était un riche [.. hjir mist wat. It bekende sintsje is trouwens: 'Papa fume une pipe']. It mei in wûnder hjitte dat dy learaars net knettergek wurden binne. Ja, jo sille mar op in oar syn bêrn passe moatte, dan wer in inketpot oer de grûn, dan de lessener fol mei motflinters, in oare kear allegear punêzen troch de stoel fan Potjewijd en wer efkes letter in jonge mei in stik kaugom yn it hier, dat master der dan útknippe moat en sa wie der altyd wat, altyd aksje.

Drukker Hoekstra

Neist de kâlde bakkerij fan Sjouke van der Veer stie de drukkerij fan Gebr. Hoekstra (Kâldum-Balk) de eksploitaasje yn Koudum wie yn hannen fan Johannes Hoekstra, in legindaryske figuer yn it doarp. Ik leau dat er net ien minske libbe hat dy't safolle kleur en fleur oan it oan it doarp jûn hat as hij. Wat hie dy man in humoristyske ynslach, hij wie eins in artyst, koe toanielstikken skriuwe en fierder op ûnneigeanbere wize beskriuwe wat der yn it doarp as de omkriten geande wie. Hij seach oeral de humoristyske kant oan. Wat hat er wat organisearre, benammen feesten wie wol syn grutte spesjaliteit, hij hie oeral nocht oan; as it no de geit fan âlde Grietsje wie (wenne tsjinoer de smidte fan Carel van Asperen oan 'e Bûkeleane), as de fytsklup, as de fuotbalklup, de polityk, alle kanten fan it maatskiplik libben hienen syn ynteresse. As er goed lake dan moast de bril ôf want dan rollen de triennen him oer de wangen.

Ik sjoch him noch stean op it skoalplein; der wiene gemeenteriedferkiezings dus stimmen yn it gymmestieklokaal. Foppe de Jong hie in sit yn, mar ek mieningsferskil mei, de fraksje fan de CHU en kaam doe mei in eigen list út: de HGSP besibbe oan de SGP. De CHU hie doe op it skoalplein in grut boerd bij de skoalldoor delset mei as tekst dêrop: 'Laat U niet Foppen stemt CHU.' Doe't Hoekstra dat seach moast de bril wêr ôf no, sa hat er stien te laitsjen. Hij wie keunstsinnich; in dichter mei syn Sprankelingen, en hat hûnderten ferskes makke foar brulloften en partijen. Hij wie faak sjuerylid mar die tagelyk mei oan in fuotbalmatch foar âlderein. Hij hie dan 'beenkappen' om. En wat koe er de ferhalen út de skearwinkel wêrjaan yn 'e krante, ferhalen oer âlde minsken as eptige jongfeinten dy't praten oer themogene flessen, monumenteel, oer explotaties i.p.f. explosies, oer expressies út it easten i.p.f. depressies út it westen, oer ferkearde gearlûking fan wurden, bijgelyks tragysk en strategysk ta stragysk en sa.

Út myn ûnthâld noch in ferhaal oer de iepening fan de lapkewinkel fan Douwe Haitsma yn it hús fan Jakkele fan Sybolt en Roelofke (Jakkele Visser). 'De Zon' hjitte de nije saak oan no Tjalke van der Walstrjitte. De iepening wie slim wiet fiert en sa kaam it dat inkele feestfierders, yn grutte kleurige direktiores, oan it hurdrinnen rekken op de

wei bij de iepenbiere skoalle. De dingen wienen sa grut, moandeis hongen de linen yn it doarp fol mei dat spul, dat se die samar oer de boppeklean oanlûkt hienen, Je koenen der wol in koer ierappels yn kwyd neffens Hoekstra. Moat jo no komme de slanke lijn is bepaald letter útfûn.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 3

Hoekstra koe ek sels wol goed ynkassearje. Sa hat er smaaklik lake doe't hy der op 'e Dammen âlde Willem Smits (Willem Slob) -jim moatte my net kwea ôfnimme as ik 'Slob' skriu, want sa lang ik op it doarp west ha, ha ik nea oars witten- yn 't sintsje sette soe. 'k Leau dat Willem yn syn feintejierren skippersfeint west hat. Hij wie frijgesel en 'k wol leauwe dat Willem eins net in thús hie, yn elts gefal wie er op syn âlde dei yn it Earmhús terjochte kaam en sadwaande wie er derom in soad op 'e dyk (wij trouwens allegearre). Mar Willem wie sa'n âlde flitter, sa'n âlde omtoarker. Hij prate altyd, dat moast ek wol want hij wie sa dôf as in teapert. Jo hoegden nea werom te praten want Willem ferstie it dochs meastal net. Hij rabbele binnenmûlsk dêrom sels mar oanien wei troch. Jûns de flarden fan 'e bek fan 't praten om samar te sizzen. En it gie meastal oer syn boat, in skou wit ik noch wol, hij hjitte 'Watersport'.

Op in kear kaam Willem op 'e Dammen, 'k wol hast leauwe op sneontemoarn, nee middei, hij hie in eigenbreidene trui oan en jo koenen sjen dat er der wiis mei wie, hij stapte bij wize fan sprekken sa eptich as in hoanne mei stront oan 'e poaten. It foel yn elts gefal de manlju, wêrûnder Hoekstra, dy der stienen te praten, fuortdaliks op. Doe't Willem bij harren wie raasde Hoekstra -hij hie sa'n hege stimme-: *No, no Willem wat stiest der kreas op hjoed, koest wol efter de froulju oan sille, lit ris sjen dy nije trui fan dij.* En Willem it boarst foarút en sa koene hja sjen dat der ek noch in namme op stie: *Watersport*, sei Hoekstra, en sa't dat dan faker giet begûnen se allegear te spytnyskjen no. Willem fielde fuortdaliks wol dat er yn bytsje de gek oanstutsen waard en hiel

snjiddich andere er: *Ja, ja, jo moatte der mar goed nei sjen want it stiet dêrop sûnder drukfouten en dat hat er noch wol ris oan mei dy âlde krante (Balkster) fan jo.* Grutte hilaarjeteit no, mar Hoekstra lake dan sels ek smaaklik mei, sa wie der wol sjoch.



Willem Smits (1884-1963), alias Willem Slob. Dy namme krige hy omdat syn âlden wennen op it pleatske 'Slobbennêst', no Bûtenskar 4. Hy sjocht der fornaam út op dizze foto. Willem hat skipper west en mocht letter graach sile yn syn skouke dat lei yn in skiphûske yn in wykje fan de Far.

Galamadammen

Hij lake ek smaaklik doe't se him op it remmingswurk fan 'e brêge oant fiskjen ha woenen - hij wie deabenaud foar wetter en ûnwaar. Hij sei mei ôfgriis yn syn hege stimme: *Niks hear, 't wetter is mij fiersten te djip dêr*. Fuortdaliks kaam fan oare kant de brêge mei sa'n selde hege stimme de taljochting: *ja, tink er mar om jo kin dêr wol steande drinke*. Ja, smoute ferhalen fakentiids dêr op 'e Dammen. Âlde Jabik Minzes (ek in âld-skipper) hear ik noch fertellen oer syn reizen mei 't skûtsje. Sa'n tweintich ta fiifentweintich tonne klaaimodder farre fan terpen boppe út de provinsje nei de lege lannen yn 'e Súdwesthoeke, wiken oanien en om 'e oare dei neat oars te iten as potstro en brúne beanen. De ienige fariaasje wie dat de iene dei it wetter foar besleek fan bakboard en de oar dei fan stjoerboard kaam. Foar 'scheurbuik' hienen se gjin tiid, 't wie wrotte as sliepe.

Mar dyselde Galamadammen hat ús ek wol grutte problemen oplevere as wij bijgelyks gjin sint mear hienen foar de tolbeam, 'k ha wolris in heal ûre op 'e loer lein om der yn in ûnbewekke eagenblik sûnder in sint oer te kommen. Ien kear bin wij sels oer Himmelum en Warns nei hús fytst omdat [Jan] De Bos in dei earder in jonge dy't er miskyn net lije mocht op 'e motor efternei sitten hie om die rotsint; dêr sil wol wat oars efter sitten ha tink ik.

De Bos wie oars ek wol in man mei humor. Jierren letter ha ik, de herberge wie doe al ôfbrând, dêr ris op fakânsje west te Kâldum. 'k Kocht in bakje kofje yn it paviljoen, wêr't De Bos mei in fakânsjegonger siet te praten, 'k skaaide der ek bij en doe frege dy frjemde man op iens: *Weet iemand ook hoe laat het is?* Der wie net ien mei in horloazje bij. Tafallich komt ien fan de helpsters der yn en De Bos sei tsjin har: *Och ju, wolst do efkes 002 draaie?* De stim fan de plaat fan 'e tillefoan sei 10 uur 14. *Dank u*, sei de faam en doe hearde se it noch in kear, oant trije kear ta, en eltse kear sei hja *dank u*. Wij gnysken allegear in bytsje en doe't de faam fuort wie sei De Bos sa langs syn noas wei: *Slimmer moet je se eins nooit ha*. 'k Tocht: *ja, dêr sit wat yn*.



Dit wie de situasje op Galamadammen yn Pier syn bernejierren. Mear nei achteren is de spits fan de tsjerketoer te sjen.

Adam en Eva

Neist de drukkerij fan Hoekstra wenne Bouke Algera. Hy wie winkelman. 'k Bin dy famylje eins hielendal kwytrekke, allinne Sietse, de âldste soan, haw ik letter ris wersjoen. Hij hâlde my mei de auto oan, hij wie polysje yn Warkum. Ik bin mar gau in grut ferhaal oer froeger begûn, want ik hie myn rydbewiis fansels wer net bij my. Ik lit dat faak thús lizze. Dat sil mij hjoed as moarn noch wol ris jild kostje bin ik bang. Neist Algera wie de nije slachterij fan Hette Boonstra en dan kaam Wabe Visser, Wabe Snider yn de beneaming, hij wie neist kleanmakker ek skearbaas. Der neist Popke en Hielkje de Vlucht (baas fan de grutte tún sa't wij dy neamden) en dêr wer neist, sa njonken it paadsje nei Wotte Gooits (horloazjemakker), wenne Hindrik Sytema. Hindrik hat ferskate klompen yn it doarp fersliten want hij wie bôlerinner bij Mensonides de bakker. Hij foksele altyd want hij wie poer hastich.

Adam neamden we him. Willemke syn frou, dreau in dropwinkeltsje, en om't Hindrik Adam neamt waard hjitte sij Eva fansels. It wienen poer bêste lju, mar lyk as de

measte minsken doetiids stienearm no. Och wat ha wij dêr in sinten fersnobbe, djoere sinten, bijelkoar garre mei wolsykjen (skieppewol dat oan it kramtrie hingjen bleaen wie), bonkesykjen, tsjerkesinten, dy't we sneins net yn 't ponkje dien hienen, as ek wol oerhâlden fan de sneinsskoalle dêr't wij dan net hinne gienen en sa meer. Ja, we ha hiel wat swiete skoftsjes bij Adam en Eva yn it paradyske (keamerke) trochbrocht.

Sândobben

In grut part fan ús bênelibben hat him ôfspile yn sândobben, de Baggerpoel, de jiskepôle, de Hea[n]mar, de Poel, de Dammensewei, de Âldedyk (no Nije Dyk), mei mear nei ûnderen de boskjes fan Jetse Roskam [Van der Veer] (Jetse, Aag) en ek fan Pieter Schut. Fierder de Singel, Karels-sleatsje en winterdeis de Buorren fansels. Yn it bargehok fan Harmen Klijnstra ha we it roken oanleart.

De sândobbe fan Fekke Venema siet fol dobben en grutte gatten dy't hjerstmis fol wetter stienen en wêr't wij mar yn om bargaen, mei op it lêst wiete fuotten. De sokken dan tsjin 'e hikkepeallen wêr droech slaan as in fjurke stoke om dêrboppe it spul (sims ek noch wol ûnderbroeken) wêr te druyen [droegjen]. 't Moaiste wie altyd om grutte klúten san fan boppen ôf yn't wetter te plompen, wylst in oaren ien syn hannen yn'e dobbe oan 't waskjen wie. Of ek wol mekoar mei in klobbe modder om 'e earren slaen. Dan yniens wie der gefaer - we rûkten it gewoan - dan kaem Meinse fan Fekke Venema (letter nei Amerika gien mien ik) oan fleanen. 'k Sil jin sizze dat dy hurd rinne koe, hy hat mysels d'ris efter de foddien sitten dwers troch de Poel, hast oan de Peerdehoeke ta, mar ik koe ek hurd en sadwaende hat der my net krigen. 'k Wie wol deabenaud, dat wit ik noch wol. 'k Sprong as in hert oer sleaten wer ik oars mar amper mei in polsstok oerhinne doarst.

De sândobbe fan Van der Plaats [de Dobbe achter de Klink] hie wer hiel oar bekoarlikens. Dy wie folle droeger en troch mear kommersjele eksplotaasje, tocht ik, better en soarchfâldiger fergroeven. Dêr wienen lorrys op reals dy't wij dan nei boppen douwden [treauwen], sa heech mooglik en dan der efter op klimme om nei ûnderen te

sûzjen, op in bult mei rommel, dy't we dan earst gearstalt hienen mei flessen, âlde trompen en fan alles dat bij 't stikken spatten in soad lûd jaan woe, hoe mear trelit hoe moaier no.

't Gefaar wie hjir Sipke Hoekema (grutte Sipke seine we altyd) en ek wol master Potjewijd fan 'e Mulo. Se wienen beide fluch en linich, dus wie it altyd omtinken dêr. Och, och, wat hat foaral Sipke wol lik op ús west en wat in wûnder (Sipke wie leau ik pachter fan it sân [de sangraverij]) de goeie man moast earst syn kij berêde. 't Lân fier fan hús, earne yn 'e Poel miende ik, dernei molkride nei't fabryk en derneist ferkocht er moai wyt sân en ek wol brún, oan oare boeren en ek wol timmerlju tocht ik. Ja, stienen wij as bêrn derbij stil dat de goeie man it al sa drok hie. As der sims in moaie laach oangroeven hie koe't wol treffe dat wij der krekt lâns kamen en dan fan boppendel der yn springe. No lawines fan swarte modder en sa meinimmend en dan koe de man letter wêr opnij begjinne. Och, och tink ik no wol fakentiid, wat ha wij as domdryste jeugd wol lêstich west foar de âlderein.

Fuortjage út de dobbe strutsen we dan faak as in swerm protters del op 'e bouwen oan de Âlddyk [Nieuweweg], (no de ferkearsdyk nei Warkum). Sân raap, kes, koalrapen, radyssen, woartels, ierdbeien genôch, dêr op 't lân fan Sipke Ypes [de Jong], Rinke van der Veer en oaren. En dan Sipke Y. wer efter ús oan no.

Kâldum yn myn bêrnejierren

Part 4

Och, wat haw 'k in kear benaud west foar jim heit Hindrik. Wy wienen te sleatsjespringen west, jim Klaas ek mei, want hij hie krekt in nije polsstôk krigen. Âldergetrou kamen we wer fierstentelet thús no. Bij ús wienen se soks wol wend, mar bij jim fêst net, al least it wie foar Klaas syn dwaan wat frjemd. Jim heit en mem dea-ûngerêst. Heit op 'e fyts de dyk út rjochting Hea[n]mar en hij krige ús al ridlik gau yn 'e gaten. Hij fytste de âlde reed nei Tjeard Wiersma del, pakte Klaas bij kop en kont, sa't wij dat neamden, en dompele

him [kopke] ûnder yn it sleatsje fan Nieuwenhout (Jumbo, seine wij altyd). Noch in slinger om 'e kop en doe drave nei hús. De nije pols kaam foar straffe fjirtjin dagen efter slot op 'e solder yn't hok.

De Mar op mei Haitse

Ús hiele jongeslibben wie ien grutte striid mei de tiid. Sels wie ik omtrint eltse middei te let thús foar it iten. Wat moat dat slim lestich west ha foar ús mem en dy. Trouwens neffens ús mem wie der op it hiele doarp net sa'n healwize húshâlding as dy fan ús. Se hie it noch nooit raarder meimakke sei se dan, as se wer ris lilk op ús wie - meastal op mij. Ik ha wol ris tocht: *'k lykje wol in broer fan Tijl Uilenspiegel*. Mar dy syn eigen skuld wie it meastal, mar mei mij wie dat net ienris sa. Ja, ien kear ha se thús slim ûngerêst west, mar dat wie tocht ik mear om myn broerke dan om mysels. Dy jonge wie fiif jier jonger as ik.

We wiene doe stikem mei Haitse de Jong, dat wie in âld-omke fan ús, te jeien gien de mar op. De goede man hat tocht: *och, fuort mar, dy bêrn moatte mar efkes in pear oerkes mei*. It begûn op 'e Galamadammen. Dêr woe de Ford-A motor net oan slaan, mar te'n lêsten slagge it dochs. Doe't de motor oansloech wij hals oer de kop de boat yn, ûnder de Dammen troch nei de Holken en de Âlde Karre. De boat foer as it spoar en der like gjin wolkje oan 'e loft te wêzen. Haitse, in koartswilich man, wie in libbenskeunstner earste klasse, hij rekke syn min sin al gau kwyd en hie altyd moaie sechjes. No ek wer, sa fan: *Tot werken niet, tot lediggang zijt gij o mens geschapen*; en: *als dit nu werken was, hoe zalig zou dan niets doen zijn?* En efkes letter wer: *Ik fiel mij no in echte Nimrod, de stifter fan Babylon, hij wie ek in grut jagersman*.

Doe't we wer op de Âlde Karre kamen sei er: *no moatte jim de bek hâlde en do - dat wie ikke- moast de boat stadichoan bij de reiden lâns farre, sa'n tsien meter de mar yn*. Haitse pakte syn gewear bruts it iepen om der patroanen yn te dwaan en och hearken, doe hienen we troch de alteraasje mei de motor it hiele doaske mei patroanen op 'e Galamadammen neist it skiphús lizze litten. De boat wie oan fansels en no wiene it

krekt ek noch allegear einen no. En der wienen sokke grouwe jerken by sa't je se mar inkel seagen, se wienen krekt sa grou as dy grutte snoek fan dy fisker dy er krekt net krige hie. Der siet neat oars op, we moasten dochs wêrom nei de Dammen.



Haitze de Jong mei pet en snor is de fjirde fan links, hy stiet achter drukker Johannes Hoekstra. De mannen stean op in skip in sille mei syn allen te angelen.

De patroanen leinen noch moai op 't selde plakje. We ha se meinaam en doe de Holken wer op, mei nije moed, mar no gjin ein te sjen fansels. Op't lêst de Fluessen op, troch 't kanaaltsje bij 't Âldegeaster slúske; wol hjir en der in pear hjerringslynders mar gjin einen fansels. Hiel yn 'e fierte seagen we einlikst dochs in pear en wij der op ôf. It wie al in knap ein rjochting Heech mar gjin genoad, Haitse woe sjitte. Mar oh skrik, al fier foar skoatsberik gienen se de loft yn. Haitse frege doe: *ha jim ek toarst jonges?* No ja fansels,

no dan mar nei Heech.

We doken in kafee yn wêr't myn broer en ik beide in kûgelfleske (priklimonade) krigen. Haitse kocht sels in skjinnen ien. Och, wat ha wy genoaten en Haitse ek want it foel er bij him ek lekker yn. 't Wie allegear wol tige smûk mar wij moasten ek wer ris fuort, op nei hús. De motor sloech fuortdaliks oan en it gie ek fierder allegear tige bêst, mar de wyn hie knap oanhelle dat we buisden knap. We rekken njonkenlytsen allegear dweiltrochwiet en sa kamen we op 'e Dammen oan. It begûn al to skimerjen en we wienen beide sa kâld as in stien en Haitse ek fansels. No, en dêr ynienen wie Pake. De iene Pake wie op 'e fyts nei de Sylsbrêge te sjen en de oare nei de Galamadammen. Thús krige ik nochris de wyn fan foaren om't ik dy lytse jonge mei naam hie, mar ik koe it my alwer net begripe dat ús mem alwer lilke wie.

Bosterje

Hawar, we rekken betiid ûnder seil dy jûn en sliepten as barga. De oare moarns wie it al ridlik gau wer skoaltiid. Ik ha der nea sa gek op west, dat nei skoalle gean, want der wie ommers altyd sa'n soad oars te belibjen. Earst noch efkes knikkerje, bosterje neamden we dat. We lûkten dan in sirkel fan sa'n tweintich sintimer trochsnee, leinen der allegear ien knikker yn, lûkten dan mei de punt fan klomp in streep op sa'n tsien meter ôfstân fan 'e sirkel - de pot - en der wei moasten we dan begjinne mei ús bosters op 'e ôfstân fan 'e sirkel op de knikkers te pikken. De bosters wienen izeren kûgels dy't we meastal stikem bij Popke út 'e grutte tún hellen, ûnder de draaiwiksel fan de lorry-banen. *De lor*, sei Age Cola altyd. De begjinstreep neamden we it oankommen. Och och, wat ha we wol fûl oan 'e gong west. Meastentiids mei pûrswarte hânnen de skoalle wer yn.

Frânske filosofen ha wol ris bewoard dat de minske siel yn begjinsel sa wyt wie as in blanko stik pompier. No, ik wit dat noch net sa gau, mar ik wit wol dat dy siel dan wol tige oanhinget. Hij is yn elts gefal sa a mar betaaste en grûzich, want sa jong as wy wienen, sa besjachelen we elkoar doe al bijgelyks bij it pikken út de pot 'stutsen' we dan. We hienen de wiisfinger dan wat leech efter de boster en dan yn pleats fan mei de

boster, de knickers der mei de fingers út. De wurden fan Paulus wienen dochs doe al op ús fan tapassing: 'Doe naar mijn woorden, maar niet naar mijn daden.'

Dy masters hiene ek wol wat mei ús. Echte ynteresse foar de learstof wie der hast bij gjinien fan 'e bêrn. En sa skjin as de memmen ús fan hús gean lieten, sa smoarch en goar sieten we meast op skoalle en der wie altyd wol ien dêr't wat mei te rêden wie: in stik kaugom yn 't hier, as in búde op 'e holle, oprûn op it stek fan dokter syn tún mei it ikelsykjen, in skuor yn 'e klean, de hoazen as de klompen stikken skopt op it skoalplein mei't fuotbaljen en soks moast dan meastentiids earst allegear behannele wurde foar we oan it lêzen as rekkenjen gienen.

Earmoed

't Wie allegear oars eartiids, ienfâldiger dan tsjinwurdich tocht ik. Dat moast ek wol, der hat nea folle jild ûnder de minsken west yn it doarp tocht ik, mar wol in soad lef. De Warnzers seinen: *dy fan Kâldum binne sa grutsk as ik wit net hoe, mar se kinne gjin ryksdaalder wikselje*, mar dat wie allegear oergeunst fansels, om't wij in Gemeentehús hienen, mei mynhearen en dat hiene sij net. It kin ek wêze dat hja lilke op ús wiene troch dat se de 'kultuer' út Kâldum ha moasten. Nee, ik leau ek wol dat it bij de measte minsken net bepaald út de breefjirtjin gie, mar lykwols wie it libben toch wol koartswilich. Der waarden in soad grappen en fiten úthelle. De humor lei op strjitte; moaie sechjes en sprekwurden bijgelyks bij de fleet.

Sa moat in man dy't no al âld is, mar noch lang net 'der dagen zat', dat heapje ik teminsten foar him, ris sein ha doe't in nije dûmny him yn 'e tsjerke oantrof, doe er syn heit holp (dy wie koster), en him frege as hij ek al belidenis dien hie, andere hawwe: *Nee dumny, dat kin noch net, ik stean no noch yn 'e grûnferve en dy is noch net droech, alle kleuren kin der noch oerhinne*. Ja, hoe betink jo soks sa flotwei? Der hat in keapman west [Anne Bajema] dy't op tolve maaie fan 'e pleats moast. Hij moat tsjin ien fan syn freonen, dy 't frege as der al in oar hús hie, andere hawwe: *Och nee ju, ik meitsje my der net sa drok oer. Hoe no net? Och, der stiet earne beskreaun: zelfs vindt de mus een huis*

o Heer. Ja, hoe krije jo it foarinoar no?

Rare streken

Fiten ha we úthelle bij deselde man doe er noch op 'e pleats wie. Âlde Aent wie der hear en master want de keapman wie sels hast nea thús. As Aent ek fuort wie, bijgelyks nei Joustas as Skoatermerke, mei in koppel hynders, sims wol in stik as tsien - hy die dat altyd rinnende, it foarste oan it tou en de oaren der allegear efter elkoar der efteroan. De eftersten mei it halter oan de sturt fan de foarlizzer knope.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 5

No wienen wy baas fansels, en dan gie it dêr ornaris frjemd om ta [dit spilet him ôf op de net mear besteande pleats Spoarleane 23]. We ha Paulus, dat wie in Fryske hynst mei in soad temperamint - Gunbert wie in Boppelanner en folle rêstiger - yn syn boks, yn 't ferboude lytsbúthús, ris sa opjage dat der op 't lêst mei de foarpoaten op 'e souder fan 't búthús stie, dwers troch 't lûk wêr it hea trochjûn waard. Rare streken no.

We hienen ek wol faak hurddraven yn't lân, mei de keallen bij de sturt fêst en dan it lân mar op en del fleane. De melkekij wienen der op't lêst krekt sa healwiis fan as wij sels. Se begûnen no ek mei te fjouwerjen, de stutten rjocht de loft yn, en fleagen krekt like hurd it lân mei op en del. De jûns sil it wol knap yn'e amer te merkbiten west ha tink ik. Mar hienen wij der erch yn?

We ha dêr ek in kear in fuotbalklup oprjochte hân. It wie op freed wit ik noch wol, dat wie altyd wol in gaadlike dei foar ús want dan wie keapman altyd nei Ljouwert en âlde Aent wie der ek net. We begûnen fuortdalik mar mei it oanlizzen fan it fjild. It wienen der altyd allegear hynders, dat in hynder wie gau ynspant. De sleaten wienen krekt skjinmakke dat ek houke seadden bij de rûs. We goaiden dêr de greppels mei ticht

en sa krigen we in moai sljocht fjild. Doe de keapman it de oare moarns oanskôge wie dy docht wol wat liik west, fertelde de soan letter op skoalle. Wij doarsten der earstoan net wer hinne en doe ha de beide jonges, Roel en Jan [Bajema], wol trije frije middeis oan it seadriden west.

Anne Boonstra

De keapman hjitte Anne [Bajema] en sa skriuwendewei moat ik ynienen oan in oare Anne tinke. Nammentlik oan âlde Anne Boonstra, de slachter. Ik leau dat hij en âlde Lykele van der Wal it langst yn it doarp fytst ha mei in 'opstap' oan de fyts. Dat wie sa'n soarte útbou oan'e as fan it efortsjil. It wiene mar gewoane pypkes sa fan in sintimeter as 7 à 8, dy't men oan de as fêtskroefe koe leau'k. Bij it opstappen kaam dan it efortsjil twisken de fuotten. De iene foet op de opstap en mei de oare in bytsje gong sette en hup, dan wipten se sa yn 't sadel. It wie altyd in pracht gesicht. It effekt wie bij beide mannen itselde úteraard, mar it motyf wie, tocht ik, net gelyk. Bij Lykele kaam it fan syn stivens en krebintichheid, wylst Boonstra der gebrûk fan meitsje moast om't er sa lyts wie. Fan strammichheid kaam it yn elts gefal net bij Boonstra, want de âld man wie, sa lang as ik him kinnen ha, krekt sa linich as in swipe.

Boonstra koe altyd och sa beare. Hij die dan krekt as wie er tige boas, mar dat wie net echt it gefal. Ien kear ha ik him wol echt boas sjoen, dat wie nei ôfrin fan it bargeslachtsjen bij soan Hette yn'e nije slachterij. Klaas [Hiemstra?] wie feint bij Hette en Piter [Hoekema] bij de âld man. In part fan it fleis moast dan middeis yn'e karre nei de winkel fan de âld man brocht wurde. De beide feinten efter de karre - en dat wiene beide ek moaie portretten - en Boonstra rûn der sels neist. It wie op in kear dat de jonges wat oerdwylsk mei de karre begûnen te mûltjirgjen en dat wie de baas mar min nei't sin. Hij begûn der oer te protteljen en te skelden wat de jonges wer net noaske en ynienen sei der ien: *as jo no de bek net hâlde te sangerjen dan kom jo ek op 'e karre*, en foar de âlde der erch yn hie lei er neist de heale baarch yn't reau.

Se hâlden him elts bij in skouder fêst sadat der ek net oerein komme koe en

begonnen doe as wylden mei de karre de buert del te fleanen en Boonstra, mei de fuotten omheech, moast wol lizzen bliuwe. Hij hie it brûs op 'e mûle, hij wie no echt lilik, mar hij wie soks ek altyd gau ferjitten want de jûns gie der gewoan mei jonges te swimmen nei de Galamadammen. Ik wol leauwe dat er doe wol in dikke santich jier wie. It wie in pracht gesicht, dat âlde grize kopke krekt boppe it wetter út, midden twisken de jonge jonges yn. Hij swom noch âlderwetsk, net 'schoolslag' mar op syn hûntsjes seinen wij dan. De earmen giene derbij net nei de siden mar foarút en nei ûnderen. 't Sil 't begjin wol west ha fan de saneamde 'crawlslag' tink.

It stjonkt

It wie fierder in âlde taaien, Anne Boonstra, in echte skrepper. Sa hat der ris in grutte baarch slachte, bij ús yn 'e hynstestâl, yn 'e oarloch, sûnder help, poer allinne. We hienen it bist as bigge krigen en mei in soad soarch en noed grut krigen. By't opgroeien hienen we al gau yn 'e smizen dat it eins net in gaadlik mestbarchje wie. It wie in frjemd healwiis bist; fan dy nuvere grauwe poaten hie er en hy wie sa smoarch, no ja, as in baarch. It wie in bear west. Ik sil 't nea wer ferjitte. Doe't Boonstra de boel berêden hie skodholle de âld man. Hij sei tsjin ús heit: *Ik wit it net, ik wit it net*, mar fierder joech er ek gjin kommentaar.

De oare deis soenen wij fansels lekker oan 'e snert no; ús mem hie no fleis genôch dus alles wat er yn hearde kaam er ek yn. Doe it spul in skoftke sean hie rûn ús mem hieltiten mar nei dy snertpanne, jimmeroan dat deksel der mar ôf en dan mar wer rûke en snuve. It sinde har net rjocht. ús heit wurde der bij helle, mar dy man rukte nea wat en no siker net, no't er krekt sa'n sin oan in lekkere panne snert hie. Ús mem hâlde foet bij stik en bleau mar folhâlden dat it net lekker rûkte. Heit frege wat der dan oan mankearre, ús mem sei: *It stjonkt*. Hawar, dat gie sa in setsje troch en de âlde lju krigen der sawat wurden om, mar de 'pisrook' waard hoe langer hoe twingender, sadat ten lêsten heit en de bêrn it ek wol rûke moasten. Ferslein sieten we der byinoar yn 'e koken, 'k sjoch ús noch sitten. De âld slachter waard boade dien en doe et der ynstapte rook er it

fuortdaliks wol, hij sei: *'k Wie der al bang foar want de baarch wie in binnenbear*. Och wat wie it wat by ús thús. Gjinen woe der mear in mûle op sette op it oars benammen yn dy tiid sa lekkere bargefleis. Om koart te gean: de hiele boel is de put yngien, de moarn letter it droechspek ek noch.

De smidden

It doarp wurdt mij no stadichoan suver te steds; ja wis ek hjoed de dei is 't noch wol moai, mar it smûke fan froeger is wat fuort tinkt mij. De minsken binne ek feroare. Hoe soe it ek oars? No wienen wij doedestiids ek net safolle wend fansels, sa steurde it ús net dat it sleatsje efter bij Bruinsma de weinmakker in bytsje stjonkte, om't it hast net te heakkeljen wie fanwege de beamstammen dy't Bruinsma der yn lizzen hie, om yn te wetterjen. As dat wij sneintemiddeis mei it kuierjen op teanen de ûnderwei lâns moasten omdat by de iene as oare de dongbult heal oer de dyk rûn wie. 't Wie allegear wat ienfâldiger, mar ek wol wat rommeliger fansels. Och, 't is mar krekt wêr't jo fan hâlde. Ferdivedaasje wie der altyd genôch froeger.

Wat koene wy as jonges mei grutte eagen stean te sjen nei bygelyks it hynstebeslaan bij de smidden. Der wienen mar efkes trije smidden op 't doarp, it meast ha ik stien te sjen bij âlde Jan Pries. 'k Hear him noch brommen op in hynder dat net stilstean woe. 'k Ha't mar ien kear meimakke dat in hynder yn 'e needstâl setten waard om beslein te wurden, dat wie bij Siebe Smid - yn Warkum soene se sizze: smid Pries, smid Stellingwerff en smid Van Asperen, mar wy wienen wat platter as dy stedsjers - dat gie goed need doe, wit ik noch wol. It hynder gnaude en hapte en sloech mei foar- en efterpoaten mar it kaam op izers. Ja, om noch efkes werom te kommen op dat taalgebrûk: de measte minsken waarden yn myn tiid meast bij de foarnamme neamt, faak mei it berop dêrbij, hoewol dêr ek wer eigenaardige ôfwykings wienen want sa soe men bygelyks gjin Jan Smid sizze, mar wol Siebe Smid en Carel Smid, mar 't wie altyd of allinne Pries as [folút] Jan Pries. Ik ha mij wolris ôffrege wêr't em soks no yn siet.



De smidte fan Pries; f.l.n.r.: Wabe Jac. van der Veer, Jan Pries, ûnbekend, Eelze Pries en Anne Pries.

Skuon en klompen

Skuonmakkers wienen der ek trije fan: âlde Romke, hij wenne yn sa'n lyts húske wêr't Kemker letter in garaazje fan makke hat, doe der noch yn 'e buert wenne, wêr't no Otte de Jager wennet - dêr njonken Pé Kamstra, de kapper, froeger wenne dêr Stegenga. Skean dêr tsjinoer, yn 't âlde 'walfiskfardershúske' [It Lytshús yn de Smidswei], wenne de âlde Van Gijsen; in bêste âld man, hij wie leau 'k frijgesel en ek skuonmakker. 'k Ha him faak in boardsje sop brocht wit ik wol. De âlde wie dan altyd tige tankber. En dan noch yn 'e Kninebuert wenne Hindrik Smits de skuonmakker. 'k Tocht eins dat dy it measte wurk hân hie, mar dat wit ik ek sa krekt net mear. Skriklik drok sil wol bij gjinien fan de mannen wêst ha, om't we meast op klompen rûnen. 'k Wol leauwe dat 90% fan 'e minsken, en miskien ek wol 95%, oars net hienen as in pear sneinse skuon, dy't dan moandeitemoarn goed poetst waarden en dan foar de hiele wike de kast wer yn gienen.

Ja, mei dy klompen dêr wie it ek wol wat mei, 'k ha ferskate stikken skopt mei it 't

fuotbaljen op 't skoalplein. De hakke der út as kappe der ôf en dan mar wer te bûgeljen nei de smid, ik leau dat it in stoer koste. It wie oars wol de dracht op in doarp. Asfaltstrjitten wienen der noch net folle - tarrediken seinen wij - en de klompen wienen foaral bij de winterdei lekker waarm. 'k Mei no noch wol graach op klompen rinne as it sa útkomt. Yn 'e skoalle stienen altyd hiele lange klomperekken. Se stienen altyd grôtfol en om't se langer mei gean soene waarden se faak beslein mei stikken fyts- as autobannen. It gie froeger al oars as tsjinwurdich.

Kaugum

Kaugom bijgelyks wie der doe ek al mar dat koe hast gjinien keapje, 't koste in stoer it pakje. Kalmûswoartel as droege bitepulp wie foar ús goedkeaper want it earste hellen we bij de wei en it oare troch in gat yn in baal bitepulp te meitsjen. We giene ek wol nei de skuonmakers ta om pik, dat wie ek lekker; pittich. Wêr't se dat eins fierder foar brûkten wit ik net ienris. 'k Tocht dat se it brûkt hienen om der triedden mei yn te smarren fanwege de duorsumens, mar't wie yn els gefal lekker spul. Bitebult wie altyd lekker swiet. We hawwe it fak yn 'e skoalbanken wol grôtfol hân. As it dan sawat ôfkôge wie dan leinen we it yn it fak te droegjen. De oare dei wie it dan gewoan wer stikjes biet wurden, mar we kôgen se dan lekker wer fierder ôf. Múzestront makke it spul faaks noch wat krûdiger.

Wat moatte dy plattelânsk bêrn eartiids in grutte wjerstân tsjin sykten hân ha, tink ik no wol ris, want as bijgelyks ús hânnen te slim smoarch wienen wosken we se gewoan yn in sleatsje. As it reind hy diene we it yn 'e puozzen op 'e dyk. In soad fan ús hawwe it swimmen leart yn 'e Far bij de Bartlingsbrêge [Kramersbrêge], it sleatsje wêr't de privaatonnen yn neispielt waarden kaam dêr krekt sawat yn 'e Far út. Rotten en oar ûngedierte swommen der bij it soad. Radyskes as raapkes en woartels út 'e bou waarden gewoan in bytsje ôffage oan in pôltsje gers, as sa mar oan 'e broek. De moude knarste je dan tusken de kiezen, mar 't wie lekker.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 6

Jan Hut

Ik ha der wol bij west dat inkele jonges bij it eine-aai sykjen gewoan in gatsje yn 'e dop prikten en dan samar dat rauwe aai opsloarpten. Bertus fan Jan Hut, Jan van Houten mei syn âlde wenwein, die it noch foller mâler want dy snaske foar in botsen, dat wie twa en in heale sint, in spin op en foar in stoer in wjirm as in rûp. Jan Hut stie altyd mei syn wenwein bij de jiskepôle, lyk as trouwens alle oare kermislju, sa at wij se dan neamden. Jan hie in pear frjemde knapen oan board: Bertus wie de âldste en Durk de jongste. Bertus hie se leau'k net allegear op in rygge en Durk wie wol wat slimmer [snoader] mar dy siel hie nea nei skoalle west, dus sa dom as in baarch mar goed snoad oars.

'k Haw Jan syn mem [Elisabeth Maria Alexis, ovl. Heerenveen 29 dec. 1925] ek noch wol kennen, dat wie in âlde tsjetteltsjemuoi. Wêr't se wei kaam wit ik net mar se prate Hollânsk, dat wit ik wol. 'k Hear har noch roppen oan Jan doe wij op in kear ierappels tsjin de wein oan goaiden: *Jen se gooye met steene*. No, en dan Jan ús wer efternei it doarp yn en dêr wie it krekt om begûn no. Jan is letter ek stoarn en de jongens binne stadichoan noch fierder efterút buorke. Se hienen op it 't lêst net iens in kêde, mar moasten dan mei help fan in pear hûnen de wein sels lûke, de stumpers.

Jan van Houten wurde meast Jan Alexis neamd of Jan Electrisch. Sjoch oer him en syn frou Jacobje Dijkstra: *Vreemde figuren in Friesland* (F. Schoustra 1991). *Soan Bertus is yn de fjirtiger jierren yn Koudum yn it earmhús kommen en der ek stoarn. Hij wie fan 1912, like âld as Sipke, it jong ferstoarne broerke fan myn heit (berne 1912). Frou Van Houten kaam ris bij beppe Fopje yn 'e winkel op 'e Easte en frege: 'mag ik de kleine even zien?' Hja pochte sa moai at Sipke der bij lei yn in skjinne klean en wite lekkentsjes, wylst Bertus yn de fodden yn in âld karke lei. In healjier letter kaam se wer en moast beppe sizze dat Sipke stoarn wie. Letter sei hja wolris: 'Bertus hie fan alles te min en libbe troch' (JdJ).*

Peste

Âlde Meijes [Jeremias Quaré] fan de jiskekarre ha we ek in soad pleage, de siel. 't Wie in poerbêste man mar hij wie tige koart foar de kop. Jo hoegden mar nei him te wizen as hij kaam jo al efternei. Mar it bleau faak net bij wizen allinne no? 't Wie ek wol faak folle slimmer, bijgelyks de karre op 'e kop wippe as de mannen nei hús wienen te iten. Se hiene dan de karre earne yn' t doarp, ûnbeheard stean litten en dat koe net lije. We ha de karre dan faak efter optilt sadat alle rommel nei foaren rûn en dan koene se dy swiere karre hast net wer oerein krije. En as it dan net te bêst slagje woe dan krigen de mannen it sims ek noch tegearre oan 'e stôk. Meijes rûn der altyd foar oan in tou te lûken en Rein [Feenstra] stjoerde it reau. Se ha wat deilis west, dy twa, want Meijes wie gysten fan aard en hij lûkte altyd as in gek en Rein dowde noait sa hurd en dan krigen de mannen dêr wer ruzje oer. Der wie ien gelok: as dy smoarge swiere karre fol wie dan gie 't nei de jiskepôle altyd 'bergafwaarts'. It gie altyd nei ûnderen no?

Hartynfarkten wiene der doedestiids gelokkich net want oars hie Meijes it nea sa lang úthâlden. De man wie slim hastich en syn rimpene aard wie wol ik leauwe ek de oarsaak fan syn opsternatens. As it bygelyks winterdei gau tsjuster wie dan giene wy faak te rútsjetikjen, mar Meijes wie altyd ien fan de earsten dy't ús efter nei siet. Hij makke him dan sa lilk dat er hast net iens prate koe. Hij stammere der dan oer. Deabenaud fleagen wij dan wer werom nei't doarp. We ferstoppen ús dan earne yn 'e Buorren en as it al te krityk waard dan bedarren we meastentiids yn't ierappelhol ûnder de golle bij Harmen Klynstra. As in simmertwirre fleagen we dan troch it búthús. En de âld mannen dy't dêr altyd oant búthúsjen wienen: Auke Quaré, Arjen Osinga en noch in pear oaren, ha ús nea ferrieden, as Meijes dan efkes letter ek yn 't búthús kaam mei it brûs op é mûle. (Hij koe syn 'pappenheimers' op 't lêst wol.)

Ja, de jonges fan Klynstra koene der ek wêze. Och, wat haw op wij der altyd moai boarte mar ek in soad kattekwea úthelle en betocht. We hiene dêr ek in rokersklup yn't bargehok. We hiene allegear in grutte piipe, en dan mar smoke no. We stikten dan sawat yn 'e reek. 'k Wie sims knap mislik mar ik haw noait belies jûn. Ien kear hiene we't in

bytsje te gek dien, de heabult efterhús rekke doe yn 'e brân. 't Wie wol in moaie fik mar in rare skeadepost foar Klynstra. 'k Leau hast dat Rommert doe de skuld krige hat mar dat wit ik ek sa goed net mear. Wit allinne noch dat it in grutte lôge joech en dat wij de jûns hast net nei hús doarsten. It hiele doarp hie op syn slimst wol platbrâne kind.



De stjelp wêr't Harmen Klijnstra buorke, midden yn it doarp, op Hoogstraat 16. Dizze foto is makke yn de jieren 1960, net lang foardat de pleats ôfbrutsen is.

Och wat wie it prachtich wenjen yn Kâldum as koenen se dêr dan ek gjin ryksdaalder wikselje - yn 't plak wêr't se dat bewearde hiene se sels doe noch net iens in muntstelsel, se betellen inoar mei skieppeloarten. Mar no ik sa oer 't âlde doarp skriu, betink ik yniens dat der wol in ôfgryslík soad grappen en fiten úthelle binnen mar ûngelokkich moasten altyd de measte kluchten en fratsen oer de rêch fan in oar. Der is altyd wol immen de klos mar dat skynt der no ienkear bij te hearren yn't libben. Och, wij as jonges stienen der alhiel net bij stil, der wienen wij leau 'k gewoan te jong foar, mei moraal hâlden wij ús net op. Grutte minsken dienen der fakentiids sels ek oan mei, wat hat men bijgelyks Age Cola wol pleage. 'k Wit net wêr't Age eins wei kaam, 'k wol hast leauwe dat gjin ien dat wist yn 't doarp, mar yn elts getal hy wie der en miskien hat er

der altyd wol west en hij wenne yn 't earmhús. Ja sa neamden se sa'n tehús eartiids, hurd no.



'Tehuis voor ouden van dagen', stie op it buordsje mar elkenien sei Earmhús. It stie oan it Healepaad, sawat underoan, op nei de Easte.

Age Cola

Age is oan de namme Cola kaam doe't it lyknammige produkt yn ús lân op 'e merk kaam. Age hie syn folle ferstân net alhiel en hij wie, krekt as wij allegear trouwens, altyd op 'e dyk. Nimmen hie lêst fan him. Hij hie altyd syn fêste loopke, sa fan 'e Easte ôf earst efkes bij Carel smid oan, dan de Bûkeleane op en bij Siebe smid lâns nei de garaazje fan Kemker [Hoofdstraat 37], dêrwei nei de grutte tún - efkes de tún mei yn op 'e lor - dan Kninebuorren, Singel, Boppedyk, 't Healepaad del en sa wer nei hús. Ien fan 'e mannen dy't sa om in oere as ien altyd op 'e hoeke bij garaazje Kemker gear kamen, om derwei dan nei't wurk te gean, liet Age hieltyd Coca Cola sizze, wit ik noch wol. It woe mar min. Age lei yn 't lêst dûbelgear fan't laitsjen en dan skreaude er *Kokalakola* en doe wie it fierdersoan altyd Age Cola.

Hy wie guodlik sa't ik earder al skreau mar op lêst krigen we him doch lilck, doe we hieltiten mar tsjin him seinen: *Do hast allinne de hiele pudding opfretten*. It moat yndie ek wier west ha. Doedestiids wenne yn 'e âld pleats op 'e Dammen Fokke Wiersma (letter nei Amearika gien leau ik) en as Age no oan him besibbe wie dat wit ik eins net goed,

mar yn elts gefal hat Age dêr ek yn 'e kost west. En doe op in snein de Graf Zeppelin oer Kâldum fleach, gie de hiele famylje Wiersma nei bûten om te sjen no, útsein Age. Hij leauwde it wol. Se wienen sawat krekt klear mei it iten, op 'e pudding nei, mar doe se nei ferrin fan tiid wer yn 'e hús kamen wie de pudding fuort. Age moat him allinne opiten ha.

Mear rare streken

No 'k sa op 'e Dammen bin tink ik ek ynienen wer oan 'e ûngetiid bij Nanne de Vries en Stoffel Boersma, de iene holp de oare faak. In pear jonges en iksels wienen troch Nanne de Vries hiert foar fyftjin sinten yn 'e oere wit ik noch. Och, wat ha we dêr in wille hân. Boersma wie poer hastich en skytskjin. En as we dan yn 'e reak sieten te tee drinken dan sei Nanne de Vries - dy hie ek altyd wol nocht oan in grapke -: *No no jonges, wa hat dy hoeke dêr skjinswile? Mot jim no ris sjen, dat is mij dêr ek rûch om ta gien net? Der leit wol in heale weide hea.* Gjinien sei dan wat. Allinne Boersma, hij seach dan wat betinklik, die ynienen de klompen út, fjouwere dan hoasfuotling it lân del om dat hea op te heljen. As der dan goed de gong yn hie, laken wij ús mei-inoar naar want Nanne de Vries hie ús dat earst ynstutsen. Hij keas mei soarch it âlderfierste puntsje fan't lân út en sei dan tsjin ien fan ús: *no moat jim dêr goed yn 't sicht in flinke toppe hea lizze litte dan sil we aanst ûnder de tee Boersma efkes galoppearje litte.* En 't lukte ek noch altyd.

Soksoarte fan grapkes waarden der doch in soad úthelle. Sa hat in bekende skuonmakker (letter nei Kanada ferdwûn) [Pieter Hiemstra], Jabik en Ype ris bealchje litten mei opheljen fan syn privaatonne [húsketonne], dy't er fol mei balstiennen goait hie. De mannen koenen it gefal hast net op 'e wein krije en de skuonmakker mar troch in raamke loere as de ring der ek ôf barste soe en dan de houten boaien der ûnderwei útfalle soe, mar dat lukte, gelokkich foar de mannen, dizze kear net. Ype moat trouwens al ris in kear de ynhâld fan sa'n tonne oer him hinne krige ha. Se kamen doe fan 'e Syl. Jabik siet meastal op 'e wein te stjoeren en Ype rûn der dan neist, sa mei de hân oan it hânsel fan in tonne. De âld swarte koe it paadsje wol sadat Jabik him syn eigen gong mar wat gean liet. Mar by Jan Bouwstra syn pleats lei altyd in grutte stien op 'e hoek fan

de djippe groppe dy lâns syn hiem rûn. De swarte naam de bocht in bytsje te koart en och hearken, it tsjil gie oer de stien en de tonnen fleagen fan 'e wein, boppe oer Ype hinne. Hij kaam op wei nei de jiskepôle syn hús foarbij, dat hij sil earst wol nei binnen gien wêze om him te ferskjinjen tink ik.

Ja, dy skuonmakker koe der wat mei. As Meijes [Quarré] de jarregoate efter de tún fan frou Bouma oan it skjin feien wie dan goaide er hieltyd rottige parren en apels as tomaten tsjin it skot oan. Se spatten dêr dan út elkoar sadat Meijes sims de rommel yn 't gesicht krige. Meijes duvels fansels, hy seach mar om him hinne mar de healwizeling dy' t him dat lapte krige er net te sjen. Ja, de Piters yn it doarp koene der allegear wol wat mei. Se ha goed kleur en fleur jûn oan it doarpslibben en eigenaardich, se hiene allegear hast in bijnamme, der heuge mei noch ferskate, sa hiene we dêr: [Pieter] Kramp, -Burd, -Drop, -Hounekoer ensf. 'k Sil jim sizze dat dy mannen allegear goed har part oan 't libben yn it doarp bijdroegen ha.

Ien fan dy Piters sei doe ris tsjin myn Pake, doe syn jongste soan him om wat bûsjild frege en Pake oerein kaam mei in bryskjende blik yn syn eagen en frege: *hast it jild dan al wêr op? No ja no.* Pake sei: *as hienen jimme ek in tientsje yn 'e wike dan gie it noch op.* Piter sei doe iiskâld: *wat is no ek in tientsje wyks? Twa glêzen bier en 't is wer op.* Mar doe pake in stap yn syn rjochting die wie der gau fuort, dat wit ik noch wol.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 7

Ik tink der no noch wolris oan. Och wat wie dat in soad jild, in tsientsje, mar Piter hat in foarútsjende blik hân want it is it is no hjoed-de-dei al hast sa fier. Hawar, de mannen gienen in elts gefal al mei jild fan hús en efkes letter sieten de hearen prinshearlik yn de auto fan P's heit, ûndanks alle snie dy't der fallen wie, en doe mei in rotgong de Buorren op. Sawat oan 'e hoeke bij Sape ta en doe yniens sa hurd op 'e rem traapje dat de auto in grutte gisel makke, hielendal yn 'e rûnte draaide, en dêr riden de hearen wer moai

rjochting grutte tsjerke om efkes letter it grapke noch ytlike kearen te demonstrearjen. Ik wie doch de ienichste net dy't ûndogens wie op it doarp.

Sinterklaas en Krysttiid

Ik ha wol ris guon minsken krimmenearjen heard dat er sa'n bytsje te belibjen wie yn sa'n doarpke, oars neat as keninginnedei - doe noch yn augustus - en Sinteklaas en âldjiersjûn. No, 'k moat tajaan dat dat yndied wol hichtepunten wienen, mar och hearken sa'n hiel jier troch wie it ien grutte rige feesten, eltse dei weroan. Ja, de Sinteklazetiid wie altyd slim gesellich. Skoften foar 5 desimber hienen de bakkers al saneamde Sinteklazetafels mei banketletters - marsepynletters seinen wij - en sûkeladeletters. En fierder in hiel soad ferskate produkten fan sûkelarje, wêr't se dan har fantasij op útlippe hienen. Och, wat ha wij as bêrn wol skoften foar de etalaazjes stien te gobberjen. It wetter rûn ús om 'e toskten. De jûns fan 5 desimber hâlden de bakkers dan opromming. It spul dat oerbleaun wie waard dan fersjoeld as fersjitten, wat wie dat altyd in grut feest. Wat wie it altyd smûk en gesellich yn dy bakkerijen, lekker waarm fan de ovens, en as jo nochris in pryske wûnen no, dan wie it al hielendal ynoarder. We koenen altyd dagen nei dy jûn talibje.

Krysttiid wie ek wol gesellich mar dat wie ús eins wat te ernstich leau 'k. Frjemd eins, want de berte fan de Hear moast ús eins feestlik stimme en de Peaske dagen drôf, mar it wie krekt oars om mei ús. 't Sil ek wol yn it waar sitten ha tink ik. Sa tsjin âldjiersjûn dan libben wij wer wat op. We begûnen dan al gau wer te karbidbussjitten; in âld bus mei in gatsje yn 'e boaiem, karbid deryn en in bytsje flibe derbij, en dan it lid der mar goed fêst optraapje, in lûsjefers der efter hâlde en dan wie it bang! Wa syn deksel it fierst fuortsjitte koe en it hurdst knalle koe, dat wie de man. 't Wie altyd in drokke tiid foar de polysjes, want it mocht net. Se ha ús dan ek faak efternei sitten. Mar dat koe de wille allinne mar ferheegje. As jo sa ûnfortúnlik wiene dat se jo te pakken krigen no dan wie it net al te bêst want foaral polysje Van Dijk koe altyd sa gemien knipe.

De Wâl

Sa'n doarp dea en niks te belibjen, praat my der net fan. Hoe kin men it betinke soks. It begûn moandeitemiddei al op de Wâl, foaral by 't hjerst, as dêr in soad fee oanfierd wurde dat tiisdei mei de boat fan Wietse de Jong nei Snits nei de merk moast. De omwenjenden sille it nachts trouwens wol niks te rom hân hawwe op bêd, as der in soad weidlammen de hiele nacht troch stiene te bletterjen. Faak brutsen de lammen ek wol út. No, dan wie it feest fansels. Wij der efteroan. Och, wat koenen dy bisten springe. Se fleagen as herten oer de hagen, sketten en stekken.



De Symkewyk, mei yn it midden de 'Concurrent', it skip fan Klaas Douwes Visser.

't Wie der meastal it selde publyk. Inkelden mankearren der noait, dat wienen Brant Bergsma - Lytse Brant yn 'e wannel - Ype Veldman, Foppe Bosma - hy hie altyd in ûnbidich grou prúmke efter de kiezzes syn gesicht stie der suver skean fan. Foppe prúmke seinen wy as bêrn derom altyd. Och, wat koenen dy mannen smout ferhale. Oan 'e oare kant fan 'e Wyk wie 't ek altyd drok want de boat fan Klaas Visser - letter Visser

en De Boer - wie abonnearre op de grienten fan 'e túnbou. De grienten wurden moandeitejûns ek al oanfierd mei karren en ek in soad mei sa'n aparte grutte wein - 'k leau dat dy bij de grutte tún hearde - it hynder fan Joeke de Lange rûn der meastal foar, in inkelde kear ek wol ris ien fan Nanne de Vries. Gelf fan Joeke de Lange wie de bestjoerder. 'k Sjoch him noch de Buorren as de Bûkeleane lâns knetterjen, it gong as't spoar.

Dat laden en lossen joech altyd in bult gesellige drokte want der kaam in hiel part minsken oan te pas, gâns mear as der no nedich wêze soene, foar deselde partij guod as bisten. Tiisdeitejûns kamen de boaten meastal djip ôfladen werom. Wy jonges stienen dan ornaris al te wachtsjen en seagen se dan bij de sylsbrêge al oankommen. As 't fee - meast slachtfee - der út moast stienen we der altyd op 'e noas bij. Bargaen wie it moaiste want dy woenen altyd it minste. Dy hiele dikke net, mar de sâlters dy joegen ornaris it measte wurk. Se wienen trochgeans sa'n 70 à 90 kilo en sa fluch as wetter en se skreauden sims dat it raar wie - ja, as bargaen. In inkele kear rekke der wol ris ien yn it wetter. No, dan wie it feest kompleet, foaral as er de Wyk dan ynswom. De mannen der mei Piebe syn boatsje efteroan en wij lâns de kant mar meirinne.

Bij de oare boat gie 't meastal folle rêstiger om ta, dat wie lang net sa ynteressant, want dat wienen der allegear lege feilingkisten dy't wêr te plak brocht wurde moasten. Eltsenien moast der wat fan ha. Se waarden op karren en weinen laden en giene sa wer fuort. Mei it moal en de pakjes wie men dan fierder woansdeis hast de hiele dei beset. 't Wie tige wurksum en in hûd fol wurk want alles moast altyd nei boppen ta. Yn 'e regel rûn ien man foar de karre te lûken en twa man der efter te downen. De Belgen soenen dat folle handiger ynpikt hawwe want dy hiene earst alle fee bij de boeren fan 'e stâl helle om dy dan nei de wâl te driuwen en se der it moal te jaan. [De Belgemop wie populêr yn 1977.] Tongerdeis en freedse en sneontemoarn meastal itselde byld. Ja, dy mannen fan 'e boaten hiene it wol drok hear, mar wat joech it in bedriuwichheit yn it doarp.

Polysjepeste

De bollekeuring en noch mear de hynstekeuring wie ek altyd moai. De bollekeuring waard hâlden dêr tsjinoer de herberge fan Van der Meer, 'Het Wapen van Friesland'. De nije húzen fan gemeentesiktaris De Jager en dat fan 'e ryksûntfanger wienen der doe noch net. De bollen wurden der fêstbûn oan dikke linebeammen dy dêr tsjin dy tún dêr efteroan stienen. Fan wa dy tún wie wit ik eins net. De hynstekeuring joech mear fertier. Se moasten altyd in eintsje drave, de Buorren yn oan it gemeentehús ta sawat. Ien man hie it hynder bij it haadstel fêst, wylst der dan ien efteroan draafde mei in doaske mei stientsjes wêr't er dan mei rattele. It wie altyd in prachtgesicht. Guon boeren tûgden sims sawat moaier dan har hynders dy meastal krekt net goed rinne woenen as se foar de sjuery moasten.



It plak fan de hynste- en bollekeuringen links en rjochts 'Het wapen van Friesland'. In eintsje fierderop it gemeentehús, de gevel dy't wat útsteekt.

Op in kear doe alles ôfrûn wie ha we dêr ris oan it polysje-pesten west. De mannen út 'e ûnderhorichheden Warns (Nijholt), Himmelum (Bouma) en de Wâlde (Sibbele de Boer),

moasten sa op bepaalde tiden op 't gemeentehús komme, foar wat kultuer tink ik. Nee, út Molkwar wie der gjinien, dêr wie gjin polysje. De Molkwarders wienen nochal vredelievend, dy hienen gjin gesach nedich. - Molkwar hat altyd fuortbrocht wêr't se altyd tige wiis op wienen en terjochte mien ik, mar ien ding fergeaten se, nammelik dit: de kultuer hienen dizze minsken yn Kâldum opdien. De basis wie lein bij ús op 'e Mulo.

Ja, Sibbele de Boer moast it dêr dy middeis nei de keuring fan ha. Grutte Sibbele seinen wij altyd want hij wie nochal grut fan stik en seach der mei syn grutte snor altyd tige kriichshaftich út en dat hat ús prigele ta ferset tink ik. Hy stie der argeleas mei in pear doarpsgenoaten fan ús te praten bij Sape op 'e hoeke. Wij wienen yn 'e trochreed fan Van der Meer. Wij hiene allegear in kaai oan in stik tou mei op 'e ein in spiker deroan. Dy kaai laden we dan fol mei lúsjeferskoppen, de spiker der boppe yn en dan om in hoeke tsjin in muorre oan slaan sadat it krút plofte en sims mooie knallen joeg.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 8

We hienen dat al in pear kear fertoand en Sibbele de Boer hie al in pear kear mei gleone eagen ús kant op sjoen, want hij hie fuortdaliks wol yn 'e gaten dat it mei om him begûn wie no. Doe der wêr in skot kaam goaide er hommels de fyts del, sprong der oerhinne en draafde nei de trochreed. Wij hiene him hieltyten wol yn 'e gaten hâlden dat wij wiene samar troch de doarren oan 'e oare kant derút. Hij dêr ek troch mar wij wienen al lang al fuort no, yn gjin fjilden as wegen mear te bekenen. Foar it hús fan feearts Ymker bleau er stean, hij wist net mear hok foar kant er op moast en doe skreaude er: *kom for den dei, jimme binne toch gjin lafaard as wol?* En wij skreauden werom efter de dikke beam wei dy bij Jan Klijnstra op it hiem stie: *kiep, kiep, kiep, Wâldpyk*. Ja, soene jo sokke jonges no ek net fergrieme? Wij hiene ús doel berikt want Sibbele wie razend. Och, wat wie de goeie man lilik.

Sneintejûns wie't ek altyd te rêden. Hiel it doarp rûn dan te kuierjen yn 'e Buorren.

De minsken rûnen fan 'e Singel as fan Sape nei de Wâl en dan wer werom; ús trije polysjes inkluis. En wij bij elts paadsje as steechje al mar dy minsken narje en peste no. Hyltyd mar roppe of se mei in búslantearne yn 't gesicht skine en mear fan soksoarte nuvere streken. Van Dijk wie de gefaarlikste, hij koe it hurdste rinne, mar yn't tsjuster wie de kâns net sa tige grut dat der ús snappe koe. Mar fakentiids hie er wol sjoen wa't der bij wienen, en oars koe er it hast wol riede, en dan snapte er ús moandeitemoarns bij skoalle. In soad fan ús ha dêr wol faak benaude eagenblikken hân, as we mei moasten nei 't polysjeburo. It wie foaral dy grutte heimsinnige griene doar fan't Gemeentehús. Dat wie wol eangstich wit ik noch goed. 't Wie faak de doe noch jonge Lolke Dokkum dy't ús dan faak mei in knypeachje wer eat op ús gemak stelde.

Lolke Dokkum

Ik haw Lolke Dokkum - no ek al ferstoarn en ik tocht ta syn lêste azemtocht ek noch folbloed Kâldumer - syn pake noch wol kennen. It wie in stokâlde man mei in siden petsje op mien ik. Hij wenne doe bij syn dochters yn - as krekt oarsom miskien? Ik wit it noch klear, se wennen yn dat hús wêr't Andries Hugem [Hoofdstraat 42] no yn wennet tocht ik. 'k Leau dat âlde Lolke Dokkum in grut man west hat yn'e polityk, AR leau'k. 'k Mien dat der ek yn 'e provinsjale steaten sitting hân hat. 't Like mij oars hielendal net sa'n prater ta, mar dat sil doe wol oan syn âlde dei lein ha, want sok soort minsken kinne it ornaris wol pratende hâlde, sjoch mar ris om jo hinne.

Yn elts getal soe er wol lake ha as se him doe ferteld hiene dat ien fan syn oerpakesizzers letter, yn' e keamer, as syn mem efkes bij wasktobbe wei moast, gau de tobbe fol moude as drek skepte. Mem moast dêr wol ris bij wei as se immen te reden stean moast bij de doar, en as hja dan werom kaam moast se gewoan wer nij sop meitsje. Ja Loes [de Boer], as ik hjir sa oan tink, jim mem hat it mysels yndertiid ferteld. Sa moat ik ek oan âlde Arjen Wytzes tinke. Dy man moat ek in begryp yn 't doarp west ha, mar ik wit te min fan him om oer him te fertellen.



Links de âlde Lolke Dokkum (1842-1932) en rjochts syn pakesizzer mei deselde namme (1907-1974), dy't yn Koudum op it gemeentehûs wurke hat, mei syn susters Akke (r) en Douwtje, de mem fan Loes (Lolke) de Boer.

Skieringers en Fetkeapers

Kâldum stil en rêstich? Kom no. As it no sa is dan leit it oan de minsken sels, 't hat nea stil west. Der wie altyd fan alles te belibjen. Der ha wol komplette fjildslaggen west twisken de jonges fan 'e beide legere skoallen. De striid twisken de Skieringers en de Fetkeapers wie der neat bij. 't Sintrum fan de striid wie faak de grute beam op it hiem fan Jan Klijnstra de feekeapman en boer, dêr wêr't no de Boereleenbank stiet. We hiene der grauwe balken omhinne plakt, omhinne slein, sadat it in soarte hut wurden wie dy't fan binnen bespikere wie mei âlde matten en fan bûten mei kramtried, wylst it terrein derom hinne fergroeven en fol mei sleuven en djippe gatten siet. En oeral wienen triedden spant. It wie gewoan in hast ûnnimbere festing wurden.

It kriichsark bestie út houten sabels en spearen, pilebogen en fierder rûdige appels en parren út 'e tún fan Ymker de feearts en echte stront fan 'e dongbult. 'k Haw wol heard dat lettere generaasjes dizze tradisjonele striid noch mear perfeksjonearre

hiene en de wapens ek noch belangryk útwreide hiene, û.o. mei in soart kanon. Dat wie in grutte kattepult. Boppe wie de ôfstân twisken de toppen fan 'e earms wol sawat ien meter, wêrtwisken in hiele binnebân fan in fyts spant wie. Se koene der heale balstiennen mei oer it dak fan 'e grifformearde tsjerke sjitte. Mar it gie ek wolris mis, leau 'k. Sa'n stien foel dan op 'e pannen dy 't dan oan grús wiene fansels.

Mar net allinne it kriichsark wurde fan steeds swierder kaliber, ek de taal dy't fan wjerskanten brûkt wurde waard hoe langer hoe pittiger. Jo freegje jin sims ôf hoe't út dit soart jeugd noch sokke fatsoenlike minsken opgroeid binne. Mar lang net alle jonges ha it gelok hân om ta grutte minsken út te groeien. Och, wat bin der yn 'e jeugd al in soad fan myn maten fuortrekke. As ik dat sa neigean: de iene troch sykte of oars ûngemak en ek ferskate jonges troch de lêste oarloch. Ik kin al dy jonges noch sa skoan foar my krije. Se wienen hast stik foar stik like ûndogens as wy, mar de stumpers bin troch't needlot efterhelle. It hie ek ús treffe kint.

Sútelders

Nee, stil hat it nea in it doarp west. Watte? 't Wie faak like drok as op 'e Nijstêd yn Ljouwert. Oerdei wie de strjitte fol met weinen, hân- as hûnekarren en der twiskenyn skarrelen bôlerinders, minsken mei transportfytsen en sa, no en dan ek noch boereweinen, bolderweinen. De boeren moasten dan faak de hynders beslaan litte bij de smid en sels giene se dan ûnderwylst oare boadskippen dwaan. It wie de iene dei úteraard wol drokker as de oare, mar der wiene in soad fêste ferskinings sa as Meijes en Rein mei de jiskekarre, Jabik en Ype mei de tontsjewein, Andries Hoekema en Jan Terpstra mei de molkkarre. Dy smoarge kêde fan 'e molkkarre hat mij ris yn 't skouder biten. Dat wie in kring fan in bist - it wie in rún. As jo flak bij him lâns rûnen dan die er fêst in haal nei jin. It wie in lestich hynder. Hij stie ek altyd dwers oer de dyk.

Ja, dy âlde tontsjewein hat it lang folhâlden. It wie sa'n grutte platte en foaral brede wein, wêr't de tontsjes dan twa heech opstapele stiene. Net eltsenien hie sels in jarreput as in grientetún wêr't se 't spul sels oer brûke koene. 'k Haw ferskate minsken

kind dy in ynhâld sels oer de tún brûkten. It hat my earlik sein it iten der wol ris om fergalle, as ik der krekt ûnder iten oan tocht, foaral as de blomkoal sims ris wat in skerpe rook hie. It hynder fan de tontsjewein wie gâns rêstiger as dat kring fan 'e molkkarre. Se hiene earst sa'n grutte brúne rún, dy't earst oan ien each blyn wie. Hij wurde ek wol foar de tarmasine brûkt. Letter hiene se in grutte swarte, dat wie ek in rêstich bist. De stâl wie op 'e jiskepôle, we hawwe dêr as jonges faak ynomsneupt.



Andries Hoekema mei de molkekarre fan súvelfabryk Concordia.

De molkkarre wie ek altyd in hiel barren. De froulju dy't troch de hoarn fan de mannen optromme wurden, fertelden inoar gau efkes it nijs dat se heard hienen en dat koe sims in hiel skoft duorje. Foaral winterdeis as it frear, dan woenen de kranen mar min taapje. De iispegels hongen der dan oan. Se wiene dan faak mei lapen doek omwuolle tsjin de froast. 'k Haw der yn 'e fakânsje ek wol faak bijstien mei in pear pantsjes yn 'e hannen; ien foar oardel mingel sûpe en de oare foar twa mingels swiete molke. En in hiel inkelde kear moast it ek wolris dreage molke wêze. Ús mem hie dan in sunige rite tink.

Gerrit Hiemstra skarrele foaral freedts en sneons ek in soad op strjitte om mei twa ûnbidich grutte kuorren oan it jok. Se sieten stiiffoel bôleguod. Hiemstra wie net maklik út syn balâns te krijen. Hij wie altyd gemoedlik en like nea in min sin te hawwen. Ús faam wie altyd poer mâl (se die mar as of) as er freedts mei smoarge klompen oan, oer de stoepe rûn dy't sij krekt skrobbe hie. 'k Hear him noch sizzen: *Gryt fanke, wat bist wêr grimmich hjoed. It spielt der aanstons sa wol wêr ôf want der driget in expressie út it easten.* En as hij dat no mei opsetsin ferkeard sei, as dat der net better wist, der kamen jo bij Gerrit noait efter. Fierder wiene der noch âlde frou Grasman (letter soan Fokke) en âlde Liene Gijsen en Jan Gasman en Jan Attema. En dan wienen der ek noch twa âlde froulju earne fan 'e Easte. 'k Sjoch se noch skoan foar mij. 'k Leau dat se foar âlde Folkert Muizelaar (letter Theunis) sûtelen, mar har nammen wolle my net sa gau yn it sin sjitte. Ja doch, de iene wie âlde frou Van Dijk. Ik mien dat se de kuorren ek wol oan it jok hie, dat wie doch ek wat foar sa'n frouminske. De oare hjitte Tryntsje leau 'k. Ik wit eins oars nea mear fan har, dan dat se in pear heldere eachjes yn 'e holle hie.

Al dizze minsken hiene fan dy handige karkes op tsjillen fan âlde bêrnweinen. Der wiene dan fierder noch in soadsje echte bakkerskarren. Ien derfan waard bemanne troch Hindrik Sytema [Sietema], 'k mien foar Mensonides. Och, wat koe dy man hurd rinne. Durk Pries die it sûteljien meast op 'e transportfytts en as der in grutte drokke rûte hie, om údens, dan die er it mei de hynder en wein. De sintrale [bakkerij] hie sa'n aparte brúne kêde. Hij stie - ek al wer in rûn - yn it hok efter de bakkerij fan Meijes Heins (Meijes en Rinkje). Och, wat hat dy Durk Pries wat ôffytst oeral hinne: nei Hylpen, nei De Wâlde, nei Molkwar en de Flait, ûnder Warkum en 't Heidenskip, oeral koene jo him tsjin komme, in kniper yn'e bokse en dan mar fytse. Och, wat hat de man wat omtyske.

Fierder wiene der noch Jakkele Visser mei eigen hânnel en Lieuwe Terpstra (Liuwe Mane). 'k Tocht dat dy foar Klaas de Vries súdele. En Rinsje [Rintje] de Jong die it foar him sels. Rinsje wie in echte hurdfleaner, hij hie twa hounen foar de karre. Se fleagen dan mei syn trijen nei foaral De Wâlde. Dy hûnen koenen sa hurd dat der gewoan net tsjin te fyttsen wie. Jakkele koe der trouwens ek wol wat mei, ûndanks dat er lichaaamlik swier misdiel wie. Hij tyske dan mei syn grutte hûn troch de paadsjes en koe it bist amperoan

hâlde. Jakkele syn hânnel wie meast kofje en tee. Harmen de Boer hie in hiel moai karke. 't Wie sa'n heech ding wêr't piteroaljebuskes allegear moai op in rige stienen. 'De Automaat' stie der op. Och, wat wie der ek in konkurrinsje yn foaral piteroalje, want der wienen ek noch Anne Schaper, âlde Hitsje en âlde Knilliske (letter soan Uilke) en op Easte wie earne ek noch in âlde frou dy't dit artikel ferkocht.



Jakkele Sybolts Visser, mei syn hûnekarre.

De grientekarren wiene der dan ek noch. In stik as wat út eigen plak en faak noch âlde Rein út 'e Maren en Siete Kuperus út Starum. *Heeft de frou oek ferlet vandaag?* Ik tink dat guon froulju wol ris nuver om har hinne sjoen ha. Dwers troch al dizze drokte en beweechlikheid seach men sa no en dan ek noch yn in flits eat fan in slachtersfeint. 't Wie Nôlle Grasman út Molkwar; in hiel grutte transportfyts mei de slachterskoer fan Hette Boonstra derop en der fleach dy jonge altyd sa ôfgryslke hurd mei troch it doarp

dat âlde minsken har ôffregen: Soene hjir no net ûngelokken fan komme? Mar ik ha der nea fan heard - Nôle wie in te grutte evenwichtskeunstner. Fan âlde Lútsen Stellingwerff syn karriderij op Warkum wit ik eins net folle mear. Hij hie de kêde yn in hok efter syn hús. It húske is der no weibrutsen fanwege de nije dyk nei Molkwar [boppe-oan de Swartewei].

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 9

Hylke Feenstra (Hylke Jisk) hie ek noch in kêde. Dy stie ek yn in hok efterhús, mar wat der krekt mei dy kêde útsette wit ek net goed mear. Hy (ek al in rún) wie wyt, dat wit ik noch goed. Ik leau dat âlde Jisk mij bakere hat en oars in elts getal ien fan ús oare bêrn. Ik herinnerje my har noch skoan. Al dizze minsken wienen sa troch in dei allegear op paad. No, dan moatte jo mij net prate fan stil yn 't doarp.

Hylke sutele mei griente û.o. nei Molkwar en op weromreis oan bij it stasjonskofjehús en dêr waard dan ien opnommen en faak wol mear. Mar gjin probleem, de kêde rêde him wol. Hij gie út himsels nei de Wâl wêr't de karre hinne moast, want Hylke hie him deljûn yn 'e karre. Soan Hartman wie bij de boat en die seach it spul oankommen en spande de kêde út en brocht heit nei Jisk ta (JdJ).

't Begûn moandeitemoarns fuort daliks al betiid want dan waard it molkjild fan 'e fabryk helle. Der wienen dan frij wat boeren yn 't doarp dy't har boadskippen tagelyk fierder yn it doarp dienen: hjir en dêr rekkentsjes betelje, in oare kocht in pear nije klompen as hie faak ek noch wol wat te ferhapstûkjen bij de smid, de timmerman as de ferwer. Thomas Harkema hie boerereau te keap. Hij stie dan altyd moarns mei in karre fan 'e skippers (ik leau fan Douwe Visser) dy't fol laden wie mei gripen, heafoarken, skeppen, harken, beagen, tou-ark en sa. Op 'e wâl neist it ierappelhok fan Siemen Joukes (Van der Veer) sa

rjocht tsjinoer de kastlein. Syn plak wie strategysk sjoen hiel goed útkeazen want elts dy nei't fabryk moast, gie flak bij him lâns. 'k Tocht dat de man dêr altyd tige goei saken dien hat.

't Wie eins folle drokker doe dan tsjinwurdich, 't gie net heal sa hurd as no. Och, eltsenien wie rinnende of op 'e fyts en de minsken sels wienen tocht ik rêstiger, se hienen allegear meastal wol tiid foar in praatsje. Moat jo no komme, se fleane gau efkes mei de auto nei it doarp, gau syn of har boadskippen dwaan en dan wer fluch nei hús werom. Tiid foar in praatsje is der hast net mear. Toon Hermans hat it goed sjoen as er seit: *We jachten en we jagen, we leven in het tijdperk van vrouw Holle.*

Yn tsjerke

De keppel neringdwaanden dy't mei karre, weinen, fytsen en sa op stap wienen, wurde tsjin Sinteklaas en Krysttyd noch gâns útwreide mei allegear gelegenheidsfinters, dat koe dan bepaald om't er dan folle mear spul oan iten [dien waard]. Mar ek wol turmacbonnen, fuotbalplaatsjes - ek út 'e sigaretedoaskes - as siden flinters, dy't ek al yn 'e sigarette-doaskes ferpakt wienen. Ien en oar hat mij wol faak oan 'e jildwikselers yn 'e timpel fan Salomo tinken dien.

De hannel siet der al gau yn bij de measten fan ús. Dumny moast it al hiel moai fertelle, woe er ús belangstelling sa'n hiele tsjinst hâlde. We wienen dan ek wol ris oan it oangean ûnder de preek, mei dan altyd in goede kâns op in fikse knyp in 'e earm fan 'e koster. We sieten sims ek hiele skoften te sjen nei in âld minske út it earmhús. De siel hie spastyske trekken yn har gesicht. Se loek dan hieltiten mei har mûle en knipere tagelyk mei de eagen. We koene der tiiden nei sitte te sjen. We telden op hoe faak it barde en om hoe folle tiid.

Ien man in tsjerke hat altyd in hiel grutte yndruk op mij makke en dat wie Sibbele Smits. Hij wie foarlêzer en ek wol preeklêzer, de man hie der in natuerlike oanlis foar. Hij koe it altyd prachtich dwaan wit ik noch, in lyts bytsje teatraal en dan hie er in prachtige moaie stimme, hiel sonoar en donker (brún). Alles wat er sei kaam der hiel gedragen en

plechtsteatlik út. Hij koe prachtige sjonge, jo koenen him boppe alles út hearre. De man wie ek lid fan it ferneamde manljuskoar dat Kâldum destiids hie. Wij as jonges koene der oars ek wol wat mei, want foaral as der dan in melodij kaam dy 't ús goed yn it gehoar lei, as in psalm, âlde beriming fansels. No, en dan moasten jo fan goede húze wêze as jo dat bij jonge Lolke Dokkum rêde woene, want dat wie wat men wol seit 'in firtuoas' op it tsjerke-oargel. Och, wat koe dy as jongkeardel (no ek al ferstoarn) moai spylje.

Reedride

Ja, gâns feroaringen binne der kommen, en eins mar yn in lyts setsje tiid. Sels de natuer liket der oan mei te dwaan, ommers, wat komt der de lêste jierren fan bygelyks reedriden terjochte? In inkeld jier sa no en dan ris wat preamkeskowe en klúnhakje op in iisbaan, mar tochten ride sa't wij dat as jonges koene, mei hiele ploegen neist en efter inoar de Far lâns nei Molkwar, oer de Finke en Ymedaem en de Morra wer werom. Of oer de Swarte Wâlde, de Ynthiemasleat lâns, oer de Sâanmar nei Warkum en sa de Nije Aanlegger feart lâns wer nei hús. It is der al jierren net mear bij. We hawwe sels wol op jûn riden, ek op 'e Far. Der wienen dan troch in pear ûndernimmende jongfeinten peallen yn 't iis set wer oan triedden foar 't elektrysk ljocht ophongen waarden. De stroom kaam dan fan 'e fabryk. As der hurdriden wie op 'e Swarte Wâlde en inkelde Hylper favoriten ek mei dienen, dan kamen de âldere Hylpers te sjen. Se wienen dan pykjend fan Hylpen ôfkommen mei prachtich bewurke slydsjes. It wie in aparte keunst om dy dingen rjocht te hâlden want se wienen tige heech.

It Fabryk

't Fabryk is ticht no? Wol slim oars, want der wienen doch altyd wol sa'n 30 of 40 minsken oan 't wurk wêr't fêst de helte fan trouw wie en dus ek allegear har húshâldings hiene. En dan noch ôfsjoen fan it oare folk as molkriders en molkfarders. Wat ha'k tongersdeitemiddeis nei't tsiisladen stien te sjen. Se waarden fan de iene nei d'oare goaid en sa nei de lêste man yn 'e boat fan Wietse de Jong, wêr't se dan foarsichtich op

planken set waarden om freedts yn Ljouwert wer earne lost te wurden.

De molkfarderij barde in soad mei roeiboatsjes. Der wienen bij myn witten mar twa gruttere molkskouwen: ien fan Hylpen, mei Willem Kupers de Yndyk lâns, d' oare dy mij better heucht wie dy fan Gerrit Sipkes de Jong, Gert Atsje. In ferwoest sterke man moat dat west ha. 'k Sjoch him noch de bussen (fan 40 liter, mei de bus doch sa 'n 100 pûn swier) út 'e boat op 'e wâl slingeren en dan wer op in karke sette en it spul nei de molkûntfang lûke. Dêr moasten de bussen wer omheech en as se dan leech wienen gie er dermei nei de waaitaperij. De bussen waarden dêr wer folgoait en dan werom nei 't boat, ôflade en dêrnei wer yn 'e boat te plak sette. Switte as in baarch. 't Seil hysje en dan bij it roer bleat foar waar en wyn ôfkuolje, as sims ek noch wol mear switte as er yn 'e beage moast as de wyn tsjin siet. En sa wer op nei Molkwar en Ymedaam.



De tsiismakkerij fan Concordia te Koudum

Minsken minsken, wat hawwe sokke minsken in soad wurk fersetten en faaks foar in hiel lyts bytsje sinten. Ik moat yn dit ferbân tinke oan de wurden fan dy bekende âld-

Kâldumer dy *sei: als dit nu werken was, wat zou dan niets doen zijn*. 'k Tink dat Gerrit wolris tocht hat: *dy âlde mantsjes fan 'e saneamde Goudklup hawwe it gâns makliker as wij want sij hoege deis de Dammesewei mar wat op en del te kuierjen*.

Kâldum yn myn bêrnejierren

part 10

Dat sokke fakken net mear bestean hjoed-de-dei dat is ek wol goed leau 'k. De minsken moasten fan izer en stiel wêze. 'k Leau trouwens dat Gerrit de Jong ek al op frij jonge leeftiid ferstoarn is. In oar geweldich stik bedriuwigheid is ferlern gien mei de ferdwining fan 'e turfskipperij. 'k Tocht dat der yn Kâldum en omkriten sa winterdeis sa mar sa'n twa miljoen (miskien ek wol 2,5 miljoen) turven ferstookt waarden en dy moasten allegear mei skûtsjes oanfiert en lost wurde en foar in part ophelle en oars mei weinen en karren te plak brocht wurde, wat allegear in soad drokte yn 't doarp mei brocht.

[Foto fan it turfskutsje fan Aukema, kin em net fine]

Alles is feroare

Och, wat bin der yn in koart skoft tiid in soart saken, dingen, ferskynsels sa mar yn ienen ferdwûn. Gjinn grientefteling mear, gjinn bôle- of hynstekarren mear, gjinn buske fan Visser mear - eltse dei ried de bus in kear of wat op 't stasjon Kâldum-Molkwar. Gjinn ûngetiders en gjinn tolfde maaie mear - it ferhúzjen fan boerefolk mei bolderweinen. Gjinn weinmakkerij mear, gjinn âlderwetske smidden mear - de smidden fan tsjintwurdich binne mear monteurs, elektrisjêns as ynstallateurs. Gjinn jongfammen mear dy't bij it stap, oan it wetter, oan it bushimmelfen wiene en jûns oan it stoepebjinnen. Gjinn tolhikken op 'e wei [nei] Hylpen - doe destiids in stik of fjouwer. Gjinn kosters-frou yn 'e tsjerke mei waarme stoven yn 'e hannel. Hast gjinn froulju mear dy't spreien hake as dy't in lytse hakke

breidzje kinne, gjin wenweinen bij de jiskepôle - Molkwar hat no sels in jiskepôle, ha 'k wol sjoen. Moandeis gjin Hylpers mear mei farske fisk - Doede (Noppert) Smit, Anne en Jildert Smit. Sneins gjin tilburys en glêswenen mei boeren dy't nei tsjerke giene. Gjin bakkers, as oar soarte karren mear yn it doarpsbyld, gjin bôlerinsters as lapkepoepen mear op in paad. De skearwinkels fuort, gjin sândobben, de goudklupkes ferdwûn, gjin bêrn mear op 'e dyk te wyldjeien en te oangean as te úleboartsjen yn 'e skimer, gjin âlderwetske húskes mear mar WC's, (elektryske huskes).

'k Haw ris in âld man fertellen heard, dat doe 't se in kear mei de bejierre minsken op reis wienen, ien fan syn maten him frege hoe en wer er syn behoeften dwaan koe. Hij sei: *no, troch dy doar en dan sjochst it fansels wol mar tink derom ast klear bist moast net oan dy keatling lûke want dan goaie se dy wetter tsjin 'e kont.* Ja der is in soad net mear, as yn elts gefal hiel oars: fammen mei lange broeken en jongesbloeskes oan en mei koart hier, jonges mei lang hier, froulju's bloeskes oan, halskeatlings en earmbantsjes om. Healwiis fansels, mar jo kinne it eltse dei om jo hinne sjen.

Mar der is gelokkich gjin earmoede mear - geastlike earmoede miskien noch genôch. En der is ek folle mear frijheid - wat der trouwens ek net altyd is - en ek mear gelikensens, mar of de trêde gjalp fan de Frânske revolúsje 'de bruorskip' der ek is, as ea berikber is, 'k wit it net. 'k Leau dat wat dit oangiet der noch plak is foar feardige twivel. Foar âld is ek in soad nij in it plak kaam, in soad goede dingen ek, bijgelyks fernijing fan besteande skoallen en oprjochting fan oare skoallen sa as Mavo (en Havo? moast docht wol kinne yn Kâldum.) Technyske- en húshâld- en muzykskoallen, grutte gebouwen foar bejierre en sike minsken, in hiel soad lytse wenten, ek foar bejierre minsken (mar de (T) túnen binne fuort.) Ferskate sakelju dy't it oars en faaks better dogge as eartiids. In grut sintrum foar maatskiplike help, nije sportfjilden en in grut moai kampearsintrum mei jachthaven en dan foaral net te ferjitten 'De Klink', in rom en gaadlik gebou foar kulturele manifestaasjes. Ja, in geweldige foarútgong doch, foaral yn 't sosjale flak. As der no ek noch ris in grutte sporthal en in ferwaarme swimbad komme, no dan is Kâldum net folle mear brek liket mij sa ta (de bûtegewesten kinne dan ek noch mear mei profitearje fan de Kâldumer kultuer).

Bênefrysk

Ik hâld hjir mei op 'k wol noch wol graach myn ferûntskuldigings meitsje foar it benaude Frysk sa 't ik it skreaun ha (faklju sille wol sizze 'Bênefrysk') en ik moet earlik tajaan dat ik it sels ek wol in bytsje as beskamsum beskôgje. It is eins wol slim dat ik de taal wer 't se my yn praten, tinken en letter ek lêzen leart ha, op 't pompier net better behearskje - 'k haw 't mysels mar sa bytsje oanleart, fonetysk. 'k Bin dêrom sa mar yniens in grut foarstanner wurden foar inkele oeren Fryske taal op 'e skoallen. Dit hat neat te meitsjen mei skerpsliperij fan myn kant hear, perfoarst net, mar wij moatte it mear kultuerhistoarysk sjen - âldfaars erf. En minsken: it is in Taal, dy moat beslist net ferlern gean, it jout eat eigens. Dat praat fan: *jo komme der net fierder mei as Wolvegea*, dat beskôgje ik as praat op souder want as jo dy kant út wolle, no, dan jildt dat krekt like goed foar it Nederlânsk, wêr't wij ek mar mei oant Maastricht ta komme. Dat is gewoan in kwestje fan in bytsje mear as in bytsje minder, mar prinsipieel perfoarst gjin argumint. We soene der dan it bêste oan dwaan om allegear mar Ingelsk te learen, dêr rêde we it teminsten gâns fierder mei. Praktysk hat it Frysk ek yn dizze betsjutting foar ús sels ek noch de grutte wearde ntl. dat we dêrtroch it Nederlânsk better begripe kinne. Yn dit ferban noch efkes in lyts ferhaaltsje: In earder buorfamke fan mij (ik fyn har noch altyd leaf mar dat wit se fansels net) rûn ris in eintsje om mei in grutte nicht út Hollân - ik leau sa bij Ulke Bertus Dykstra lâns, sa om 'e sândobbe hinne. Dy nicht seach doe ynienen in eintsje fierder in jong spantsje lizzen dy't yn it smûkte fan in hage oan 't frijen wienen en sa sei se tsjin myn buorfamke: *Kom we gaan maar terug want daar ligt ook een paartje* werop de lytse nicht frege: *Wêr feit dat hynder dan?* 'k Fynt sa foar't earstoan wol genôch, it moat mar wer út wêze tinkt my.

In âld Kâldumer dy't yn moarch en bonken fan it doarpslibben genoaten hat.

Einde

Mei penne hat Aukema der ûnder skreaun:

1977, Pier Aukema te Sneek

Weer herlezen april 1992, De Finke A13 Koudum